24E JIERGONG NR. 3 MAERT 1946

IT HEITELAN

ALGEMIEN FRYSK MOANNEBLED

UTJOWN BY BRANDENBURGH & CO. - SNITS - TILLEF. 2574 (JOUNS 2889)

DU COMPST AST SCHIEP SCHERN IS

Wês ek mei it sluten fan in forsekering net to let

ALGEMEENE FRIESCHE LEVENSVERZEKERING MAATSCHAPPIJ
LEEUWARDEN
Burmaniahuis

GROOT-NOORDHOLLANDSCHE VAN 1845
AMSTERDAM
v. Brienenhuis

As Jo tige forlet hawwe fan in GOEDE

Kachel of Hurdkachel

kinne Jo in «speciale vergunning» oanfreegje. Niermeijer helpt Jo graech oan 'e nedige formulieren en soarget foar deskundige leveränsje.

K. A. NIERMEIJER
Kelders 29-31
LJOUWERT

wurdt wer yn âlde gearstalling makke, yn deselde bêste soarte as foarhinne. Freegje op jo bon it bêste fiedsel foar jo bern:
MOLENAARN'S BERNEMOAL

Nije Fryske Boeken

Yn Aprilmoanne komme út:

IT FREARKJABIKS FOLK fen P. AKKERMAN
In moai, rejael boek (240 siden). — Priis f 4.10

KOARSTEKOEKE
In bondel sketsen út „De Stim fen Fryslân" fen Dr. W. KOK. — Priis f 2.25.

Rounom yn 'e Boekhannel to krijen en by de Utjowers:

BRANDENBURGH & CO. * SNITS
POSTREKKEN 6039 — TILLEFOAN 2574 (b. g. g. 2889)

KINGMA'S BANK N. V.

is in 75-jierrige Fryske saek, dy't har bêst docht har klanten yn jildsaken to stypjen

Kantoaren to Ljouwert, Snits, Boalsert, Makkum, Drachten, Gerdyk en Easterwâlde

Altyd greate kar
yn VERKADE'S ARTIKELS, lyk as Koekjes, Koeke en Bakken. Sûkelade en Bonbons, by ús allinnich yn
de bêste merken
Droste, Ringers, De Baronie, ensfh.
FA. H. DIETERS — LJOUWERT
NIJESTÊD 82 — TILLEFOAN 3519

Stienhouwerij en Fabryk foar Marmerbiwurking
FA. D. ARENDS & SOAN
Foarstreek 90 - LJOUWERT - Till. 5067
Levering fan Marmerwurken, Skoarstienmantels, Finsterbanken, Wasktafels Meubelblêdden, Utstallingsblêdden, ensfh., ensfh.
Stienhouwurken yn alle soarten natuerstien.
Yn foarried forskate marmersoarten, hurdstien, sânstien, granyt
Masinale biwurking. - Deeglik en bitroud adres
Minlik oanrikkemedearjend

24e JIERGONG Nû. 3 MAERT 1946

It Heitelân

Algemien Frysk Moanneblêd

Under Redaksje fan de Samlers fan de „DE FRYSKE BIBLETEEK"
J. Piebenga (Ein-redakteur) - Frou D. Rienks-Wallinga - E. B. Folkertsma - L. Brolsma - H. Halbertsma
UTJOWN BY BRANDENBURGH & CO. - SNITS

Fryske Histoarje-printen III.

Wergea, om 1750 hinne, fan 'e Noardkant bisjoen, neffens in tekening fan *PITER IDZERDTS PORTIER* yn it Printekabinet fan it Fr. Museum to Ljouwert. — Wergea sil wol it „gea fan de „warren" bitsjutte, (fgl. Warten en Warstiens); dy „warren" wurde dan leechlizzende greidlannen mei bidoeld. Neffens in âlde sêge soe it plak syn namme krigen hawwe, doe't twa reuzen nei in swiere reis hjir har „warge-lea" delflijden om hwat to bikommen. — Aldtiids lei it alhiel tusken it wetter yn; de Jornahûster mar en de Wergeaster mar binne yn 1633 droechmakke, wylst de Himpenser-mar, — bikend meidat der yn 1535 in great tal Werdopers yn drinsge binne, — earst yn 1779 fan fjouwer Makkumers ynpoldere is. Yn de 19de ieu is it tal ynwenners. (Nardebuorren en Domwier der by rekkene), dat fan âlds net sa heech wie, gâns mear as fordûbele. Doe moast fansels de moaije sealtektoer ek troch in elegante spits forfongen wurde. — Dizze print lit wol in seldsum moai byld sjen fan Frysk doarpsmoais út de 18de ieu.

Fryske KRONYK XXVII

IT FRYSK YN DE RIE.

De kranten habbe der al frijhwat oer skreaun en ek al hwat fan sein, der is fanwegen inkelde biwegingsrounten ek al protestearre tsjin it bislût fan de gemeenterie fan Ljouwerteradiel om it Frysk net offisjeel yn syn gearkomsten ta to litten, mar dêrmei kin de saek fansels net fan 'e baen wêze. De tastân bliuwt nou bistean, dat it brûken fan it Frysk yn inkelde — en wy ornearje fan de measte — gemeenterieden frijstiet en yn in oaren forbean wurdt. De boargemaster hat nou noch de macht neffens eigen goed- of kweatinken de tael fan it folk genedich tagong to jaen óf as ûnfoechsum en dus as net-bisteand to biskôgjen. Us dêrby dellizze kinne wy fansels noait-ofte-nimmer ; by sa'n knibbelfal foar it offisium soe ús Frysk aerd foargoed oan forfal fan krêften stjerre. En dêrom moat it fraechstik oanpakt wurde fan alle kanten, fan de propagandistyske uteraerd, mar net it minst ek fan de politike en steatsrjochtelike kant.

Hwant wy komme, as de biweging alteast har ynhouten net forlern hat, hyltyd mear foar dizze kwesjes to stean en sûnder de offfisjele erkenning, út den Haech wei, dat it Frysk as twade Nederlânske tael of tael yn Nederlân biskôge wurde moat, bliuwt it lijen. Sadwaende twingt wer safollesto-mear de needsaek fan „Fryske polityk". Dat dat in solidair-Nederlânske polityk wêze wol, hoecht allinne foar lju mei in bytsje bigryp sein to wurden ; dat dy net „anti-Hollânsk" wurdt, hat Hollân sels yn 'e macht.

POLITIKE FORBANNEN.

Der wurdt wer mei polityk pield en nei't wy hoopje, ek oan polityk dien. Ek lju út de biweging wei komme dêrby, foar it earst of fannijs, nei foaren. Is dat „forrie oan de biweging"? Party, dy't it tinke of sizze. Ien, dy't op de list stiet, is foar Fryslân forlern neffens harren. Mar forjit men dan net, dat de striid foar it goerjocht fan ús biweging, nei b û t e n ta, alderearst yn de sfear fan de polityk bislist wurdt? Tink mar oan de ûnderwiiskwesje, oan de eilannen, oan it Suderleech, oan de dêsintralisaesje.

Yn dat forbân sil it lykwols needsaeklik wêze, dat by alle ynstelling op offisjeel-Nederlânske partijen de Fryske bân ûnderinoar net forbrutsen wurdt. Der is kâns, dat wy it yn de „Fryske polityk" folle mear meiinoar iens wêze kinne as yn de Nederlânske of ynternasjonale. Dy ienriedichheit moat fral bihâlden wurde. As wy ek mar hwát bispinne wolle, hearre wy, as 't mar in bytsje kin, as ien man to stean.

En dêrom soene wy útstelle wolle dêrmei — en dat sil wol nei de forkiezingen wurde — wer mei de foarming fan fryske forbannen yn de politike partijen to bigjinnen. Hwat nijs is dat net : by de S.D.A.P. en de A.R. habbe dy forbannen foar de oarloch al jierren bistien en ek goed wurk dien, it earste kaem sels ta de útjefte fan in eigen blêd. Dy kant sil it wer út moatte, al kin men dêrby fan it forline leare. Hjoeddedei bisteane der byg. yn de P. v. d. A. forskate forbannen, dy't, al bringe se gjin federatyf bigjinsel yn praktyk, dochs romte foar in eigen lûd winskje. In „polityk forbân" is dus gjin byinoarbringen fan gelykwollende minsken, dy't elkoar hwat forsterkje, mar in wurkromte, dy't bisiket de eigen skôging en nuance sa wiid en krêftich as 't mar kin út to dragen. En de „fryske forbannen" soene dêrby mear oanslach krije, as hja tonearsten treast wêze sille. It leit yn de reden, dat hja ûnderinoar safolle mooglik kontakt sykje en op fêste tiden meiinoar gearkomme moatte.

PROVINSIALE POLITYK.

Der binne nou twa programs fan winsken foar de provinsiale polityk forskynd, earst dat fan de A.R. en doe dat fan de P. v. d. A. Dy beide partijen sille meiinoar ek wol de oergreate mearderheit yn de Provinsiale Steaten krije, dat men soe sizze, it kin net gunstiger lykje. Beide programs wike ommers net iens sa'n soad fan inoar óf en komme oerien yn dy dingen, dêr't de Fryske biweging yn de alderearste opslach bilang by hat. Mar programs binne programs en it forline hat ús dêr net altofolle earbied foar bybrocht : as de minsken, dy't de programs útfiere moatte, der net hielendal eftersteane, jowt it noch gjin byt. En dêrom sil it de baes wêze as sprekkers, organen en partijbistjûren ek ferge wurde, wier to meitsjen hwat hja sizze, skriuwe of propagearje. Us folk moat dizze dingen bileaven net oan de „bifoege ynstânsjes" oerlitte en ús jongerein binammen moat de moed habbe ta in — leafst ek saeklik forantwurde — radikalisme yn dit stik fan saken. De provinsiale polityk heart der net op tá to wêzen ; hoe lyts en simpel faek ek, foar ús komt dy earst. Hwant earste punt is ommers, krekt yn de Fryske polityk en hoe't men it ek draeit : Selsbistjûr foar Fryslân.

HWER BLIUWE US BOEKEN?

Der is o sa'n bytsje papier, dat witte wy nou langer wol. Mar yn 'e boekwinkels sjocht men alle wiken nije Hollânske útjeften en forskate dêrfan binne alwer tige kreas forsoarge ; der binne ek genôch by, dêr't men jin fan ôffreget, hwerom dy nou krekt yn in tiid fan papierkrapte útkomme moasten. Mar it spul wurdt wol forkocht, de lju binne net sa forwend mear, al sil dat ek wol wer komme.

Wy hjirre binne de lêste tiden alderminst forwend. „As it om de Fryske boeken allinne gyng, hiene wy de Dútskers hjir better hâlde kinnen", doarst okkerdeis in dom, mar in dryst man to sizzen. Al habbe wy it alderminst op priis steld, dat party fan ús skriuwers mar trochgyngen mei to publisearjen, — sêft sein habbe hja har maten doe foargoed yn 'e steek litten, — de ynstânsjes, dy't der oer gyngen hiene der mear bigryp fan dat it Frysk hwat „eigens" fortsjintwurdige as dy fan optheden. Wy kinne dochs net oannimmme, dat it oan in tokoart oan saeklikheit by ús útjowers leit ; dan earder oan in oermjitte fan earlikheit...

Yn alle gefallen, nou't it net oan tokoart oan hânskriften leit en net oan de forkeapmooglikheit, nou 't wy net de midden en de beide einen habbe wolle, nou moat der papier komme. En ús útjowers moatte soargje, dat útfiering en priis fan har útjeften dy fan lyksoartige Hollânske sa ticht as 't mar kin op 'e side komme.

HILGOLAN.

Der hat in skoft praet fan west, da tde R.A.F. fan doel wie it âldfryske eilân Hilgolân ta doel fan har loftoanfallen út to kiezen. De swiere betonwurken dêrre, dy't foar de dûkboatbasis brûkt waerden, moasten opromme wurde en tagelyk soene der dan oefeningen mei 10-ton-bommen hâlden wurde. Ek de atoombommen binne yn dit forbân alris in pear kear neamd, mar dat heart der foar in biskaefd minske, dy't oer de biskaving yn noed sit, optheden wol by. Oant nou ta is der, foarsafier ús bikend, neat fan kommen ; wol hat Spitkereach in lichte oanfal to forduorjen hawn.

De earste loftoanfal fan de lêste oarloch wie dy op Söll yn Sept. 1939. De earste loftoanfallen, dy't „de kommende oarloch" tariede moatte, binne foar Hilgolân ornearre, seit men. Dat it trochgiet, leauwe net folle, mar dat de âlde rots dit treast wêze soe, leaut gjinien. It eilân, dêr't de namme fan Fosetti, Redbad, Willibrord en Liudger oan forboun binne, soe ek fan greatskens yn de Noardsé weisinke moatte, as it op sa'n sinyske wize sa'n skande oandien waerd.

De Rie fen de Fryske biweging hjirre en de Fryske Rie yn Noard-Fryslân habbe beide fuort protestearre yn Londen of ien fan syn filialen. En de greaten harkje ek wolris nei de lytsen, as dat sa yn har kream topas komt...

TIROL EN JIT HWAT.

Eastenryk easket Tirol wer op en Itaeljen wol 't net loslitte. En it lântsje, dêr't it om giet, moat it it slimst bilije ; der is sa foar en nei al mear oan omskuord en it wit ien-en-oar ôf fan frijheitsstriid...

Troch it fordrach fan St. Germain fan 1919 waerd Súd-Tirol fan Eastenryk losmakke en by Itaeljen foege. De lânforparterij en folksfordielerij, dy't nei elke frede tapast wurdt, easke dat en it gyng oan ek. Fan de ynwenners praetten yn 1921 sa'n 212.000 minsken Dútsk, sa'n 26.000 Italjaensk en in foege 17.000 de Ladine-tael. It Mussolini-regear wie sa folksk wol, dat it fuort in Italjanisearings-polityk opsette, dy't radikael yn administraesje en ûnderwiis trochfierd waerd ; sels de grêfskriften mochten allinne yn it Italjaensk oanbrocht wurde.

Yn 1939 waerd der in oerienkomst tusken Hitler en Mussolini sletten, dy't in ein oan dizze ûnderdrukking meitsje soe. De bifolking soe útwiksele wurde en dan wie it probleem neffens diktatoriale wizânsje oplost. Sa'n 80.000 Tirolers kamen „heim im Reich" en de oaren waerden bidrige mei forhuzing nei it súdlike Po-gebiet. Mar allegearre habbe optheden mar ien winsk : sa gau as 't kin werom yn eigen lân, tusken de eigen bergen. En dêrom freget Eastenryk in soarte fan referendum en wegeret Itaeljen dêr op yn to gean. En dêrom is der optheden hwat demokratyske rûzje...

De minderheden habbe har nei 1919 organisearre en oppenearre. Tinkt ien mear, dat dêr hjoeddedei romte en bod foar is? Yn alle gefallen, it is yn dy heksetsjettel fan nasjonale mindertallen, dy't East-Jerope ienkear wie, sa stil, sa stil as de dea. Men moat al earne yn East-Azië wenje, om erkenning fan it rjocht fan selsstannich folksbistean krije to kinnen.

FORSIN OF MISFORSTAN?

Der binne guods, dy habbe hwat wy yn de foarige kronyk oer „De Tsjerne" skreauwen, sá opfette as wie it ús der om bigoun dit blêd mei syn redakteuren leech to lizzen, oan to fallen of to bigekjen. Der binne sels guods, dy't miene, dat it ús der om to dwaen wie „De Tsjerne" sa min mooglik en „It Heitelân" dêrfoaroer sa folle mooglik lêzers to bisoargjen. Gjinien fan beide bidoelingen sieten lykwols by it skriuwen fan dy tirade foar ; krekt oarsom, de kronykskriuwer hie, biwust en ûnbiwust, mar ien bigearte: Dat „De Tsjerne" sa goed en sa great mooglik waerd en dat it yn dit blêd einliks ris der fan komme soe, om bûten de biwende Fryske spoaren to stappen. Hoe koe 't ek oars : Hy wie fan 'e miet óf ien fan de greatste foarsprekkers fan dat blêd en dêr sels oan forboun ommers.

Mar de kronykskriuwer hat forgetten, dat er yn in earnstige tiid libbet en foar earnstige minsken skriuwt en dat de earste siden fan „It Heitelân" gjin boutades bifetsje meije. Hat er dy boutade mei har positive sin net bislipe genôch skreaun ; peccavi ; hawwe de misforsteanders to rêd en to kweawillich lêzen, lit harren hwat luftiger, mylder en oannimliker wurde.

P.

Fries tsjin Dútsker (II)

It keizerlike Dútsklân falt, it republikeinske saket yninoar ; de nazi's houwe it tredde Dútske ryk omheech. Hwat seit it Fryske folk ta dy nije idéen en har forwurkliking dêrjinsen ?

Der ûntstiet yn greate rounten yn Fryslân hwat wy hjir net earder hawn hienen dat makket : in antidútske stimming. It wantrouwen fan eartiids wurdt ôfstegering, de antipathy fûle, biwuste fijânskip. Bigjinsel komt ûnforsoenber foar bigjinsel to stean ; al hwat principiëel tinkt en libbet : de tsjerken, de rjochtse partijen, de soasjalisten, de communisten, de antimilitairisten, de intellectuëlen, geane resolút yn it forset. Underskieding is net mûglik, docht bliken, confrontaesje wurdt net bigeard. Sa grimitich as Dútsklâns nazi's ja jubelje, like hertstochtlik sizze dizze Friezen né. Dêrom net, it wurdt gjin mienskiplik striidfront tusken harren ; elk formidden striidt op syn eigen ideëel terrein. De tsjerken bygelyks foroardielje it heidendom fan it tredde ryk, de intellektuëlen it nationael soasjalistyske monopoalje yn it stik fan wittenskip, kunst en opfieding, de soasjael demokraten de fascistyske en totalitaire diktatuer. En allegearre stelle hja dêrtsjinoer har eigen principiële idéen.

Mei dat al bliuwt der hjir dochs ek sympathy foar Dútsklân bistean. Net yn allen, mar yn sommige dingen. Dy sympathyen fynt men foarst by lju foar hwa't in bigjinsel mar hiel bitreklike jildichheit en bitsjutting hat ; en twad yn soasjale en ekonomyske rounten.

Hielendal efter it tredde ryk en syn ideology stean gien binne mar in stikmennich Friezen. It nationael soasjalistysk Dútsklân hie to folle oan en oer him dat uzes net is. In Fries mei der ta to krijen wêze de diktatuer tydlik en fan need oan to nimmen, mar principiëel foarstanner derfan wurdt er nou ienris net — of hy moat al aerdich ûntwoartele wêze. En allike frjemd binne him dat ûnbiroaide forhearlikjen fan it eigene, as it tominsten fierder giet as romantyk en literatuer, en alle imperialistyske polityk. Dat is de N.S.B. hjir wol gewaer wurden. Mar it seit dêrom net, dat er ûnfetber wêze soe foar dingen fan sokken lear en polityk.

Wy Friezen binne goede idealisten en minne politici. Wy hawwe earbied foar hwat biskreaun stiet, en leauwe oan programs en paragrafen. Nou kamen Dútsklân syn politici en syn propagandisten mei in program, dêr't op himsels, los fan bigjinsel en systeem sjoen, ek wol goede dingen yn stienen. En hwa't gjin genôch principiëel forwar hie, rekke op sokke punten min of mear ûnder ynfloed fan 'e fûleindige Dútske propaganda. Liet de nazi's wêze hwa't se woenen, hja brieken dan dochs mar de macht fan it greate kapitael, rekkenen ôf mei it communistysk gefaer, skaften ried, oarder en ienheit ûnder it Dútske folk, hienen tige each foar de bilangen fan de boeren en de lytse middenstân, pakten de wurkleasheit resolút en yn it great oan. Hwat der fan dat allegearre yn 'e praktyk to rjochte kaem en oft it wol it doel wie it yn praktyk to bringen, dêr wisten de sympathisearjende Friezen it measte net fan. Mar gjin need, hja namen it oan; hja namen der alteast genôch fan oan om der ek foar Fryslân en Nederlân hwat fan to forwachtsjen. En de Dútske propagandisten koenen har fak : hja wisten net allinne to kommen op 'e bilangen fan 'e boeren, de arbeiders, de wurkleazen, de middenstanners, mar ek it klavier fan 'e folkskonsjinsje masterlik to bispyljen. Soks docht by de ethyske politici dat folle Friezen binne grif fortuten. Wie Dútsklân to Versailles net slim ûnrjochtfeardich bihannele, fornedere, fortrape, en hie syn folk dêr gjin lange jierren bitter fan to lijen hawn, hûnger, jammer, ellinde ?

Dy propaganda woe der by sommigen nammersto better yn, mei't hja foar in diel de omstannichheden mei hie. Troch de tritiger krisis, sawol yn it politike as yn it soasjale en ekonomyske, kamen der ek to uzes hwat langer hwat mear ûntofreden lju. Hwer moast dat hinne : in forearmjende boerestân, in forproletarisearjende arbeidersklasse, in delkommende boargerij, in jongerein sûnder takomst, forheftige striid tusken de partijen, djippe kleauwen mids de folksmienskip, wippelige en sloppe ministearjes, in polityk suver op alle terrein yn lytse styl ? Soe der net in sterke man to finen wêze ? En sjoch, of

De Profundus

De profundis —, út de dûnkre djipten fan de dagen,
noudat treast allinne leit yn dreamen fan de nachten,
riiz' omheech ta Dy, o Hear, út njoere need de klachten
fan dit hymjend hert, dat net wit, hoe syn leed to dragen.

Wy gean' ûnder, al ús ljocht en gloarje binn' forgongen
en ús haters sitte heech oer ús op machtge troanen.
Wy biswike ûnder 't weltich tongerjen en droanen
en de segesangen fan forwoedne fijân songen.

Iivge, hoedzje ús! 'tIennichste, dat hâld jowt troch de tiden
is it witten fan Dyn wêzen, dat de folken rjuchtet.
Lear ús, as ús siel ilindich ûnder 't ûnrjocht suchtet,
sterk to stean, hwant Dyn rjochtfeardichheit is ûnbistriden.

De profundis —, út de djipten fan ús ierdske noeden,
nou't de bannen fan de stjerlikheit ús sterker bine,
stiicht ús bea ta Dy en wol Dyn feilge frede fine :
Unbineambre, nim ús swakkens yn Dyn sterke hoede !

A. JOUSMA.

leaver hear ! dêr wurdt in sterk systeem oanpriizge, in systeem fan oanpakken, eigenhelp, folksienheit, ûnforbidlike striid tsjin kapitalisme en tsjin bolsjewisme, stûf gesach, died. Né, yn syn hiele hear en fear is dat net foar Nederlân noch foar Fryslân, mar hwât derfan kin men oeral brûke, is men hjir yn alle gefallen nedich oan ta.

Sa hie de sympathy foar it nije Dútsklân har ridlik nauwe grinzen. Mar in hiel inkele Fries, bûten de lytse rige fan 'e N. S. B. yn Fryslân dan, is safier gien dat er Nederlân en (of) Fryslân by it Dútske ryk hawwe woe, of der yn 'e iene of oare foarm mei forboun. En it wienen op 't lêst ek noch mar in stikmennich dy't it hiele Dútske systeem, en de hearskippij fan it nationael soasjalisme to uzes bigearden. Fryslâns Dútsksinnige boeren, arbeiders en sakelju woenen allinne dat folk en regearing hjir dingen fan it tredde ryk oernimme soenen. It iene formidden, Lânbou en Maetskippij bygelyks, forwachte heil fan in Dútsklân ôfsjoene agraryske polityk, it oare fan in wurkleasheitsbistriding neffens Dútsk foarbyld, it tredde fan straffer waernimming en ynbining fan 'e communisten. It gefaerlikste wienen hja jit yn it stik fan 'e internationale polityk, dêr't hja allegearre in freonlike en ynskiklike forhâlding ta it Dútske ryk foarstienen.

Dêrby, de motiven dy't har ta har hâlding dreauwen, kin men net ûnsuver neame. Wis, der rounen ûnder de Dútsksinnigen yn Fryslân ek querulanten, erflike opposanten, sikers fan eigen bilang of eigen eare, oanbidders fan 'e opgeande sinne, permaninte revolúsjonairen. Fierwei it greatste part lykwols wie idealist ; har biweegde de eangst foar it communisme, de rjochtlike ûntofredenheit mei de ekonomyske en politike forhâldingen yn Nederlân, de hope en dream fan in better, ljochter, rjochtfeardiger takomst. Forried kin men harren dan ek net forwite.

Mar wol forblining. Blyneach binne hja mei har idealisme yn 'e Dútske fûke roun, en materiael sawol as middel foar de propaganda fan de nazi's wurden. Sûnder politike fantasy en dêrtroch ek sûnder polityk bigryp fan 'e wurklikheit, hawwe hja, hoe ek warskôge, Dútsklâns imperialisme fuortsterke en bifoardere, mei troch de geast hjir to ûnderwrotten. Fan 'e klearste feiten noch fan 'e faeiste tekens woenen hja sizzen hawwe. Har blyn stoarjende op it goede dat Hitler en dy nei har sin woenen en dienen, makken se har ôf fan itjinge hja net rjocht lije mochten, of smieten de skuld op dy tsjoede fijannen mei har oergunst en tsjinwurking en kwea laster. Forfolging fan 'e Joaden ? Dat krigen wy hjir sà net. Forfolging fan 'e tsjerke ? Liet de dûmny's har dan ek bûten de polityk hâlde. Imperialistyske plannen fan Dútsklân ? It soe wol hwat tafalle ; yn alle gefallen kaem Dútsklân hjir net. Koartom, it soe frede wêze en gjin gefaer.

E. B. FOLKERTSMA.

IN FORSLACH

fan in gearkomste fan artysten

(guon tusken „—". guon mei in ? en in inkelden mei in!)

In frij en ûnsakelik forslach, achte lêzer, dat, al of net gaedlik foar opnimmen, skreaun wurde moat om mysels to hoedzjen foar noch mear nachtmerjes.

Ik hie as „artyst" in oprop krige ta in gearkomste, dêr 't bilangrike saken oan 'e oarder steld wurde soene en ik hie mysels ûnthjitten, om dêr ris op ta to tsjen en dit almeast, om myn eagen ris weidzje to litten oer it rountsje fan artysten (sjoch boppe), dat Fryslân ryk is. Dat wie faeks wol ris goed, tocht ik, omt ik my altyd hwat bûtensteander fielde en mar in inkelde fan myn „kollêga's" as persoan koe.

Dêrom. Nou ja en ik wie ek wol hwat nijsgjirrich nei dat bilangrike.....

Mar om koart to gean : ik forgeat it glêd !

In foech ûre nei de oanjowne tiid skeat it my wer yn 't sin.

Forhip ! dat is sneu !

As ik net komme kinnen hie, dan hie 't net mear as fetsoenlik west, om efkes ôf to sizzen.

Ik belle Joop Theunisz op, yn hwaens wente de gearkomste hâlden wurde soe : „Is 't noch de muoite wurdich, dat ik kom ?"

Wis ! men stelde dat op priis en de measten wiene dêr ek noch ; in man as toalf, fjirtsjen.

Nou is Ljouwert gjin Amsterdam, mar Joop Theunisz en ik wenje elk op in útein : hy Noard en ik Súd. En de lantearne wie allang fan myn kusjebannefyts ôfrattele. Dus kuijerje. 't Wiif bea oan om my selskip to hâlden. Graech ! Is hja op 't lêst ek net artyste wurden, nou 't hja mei my troud is en mei spilet ?

Yn de wierlik artistike keamer fan Joop Theunisz ûntdieken wy troch it blau fan de sigarettereek de blom fan Fryslân syn kunstemakkers. Fan itjinge dêr al bisprutsen wie, krigen wy yn 't koart dit forslach : Wy moasten allegearre by 't Boun en as foarste striidpunt stie op 'e wurklist : jin towarstelle tsjin it greate, skealike kwea fan it amateurisme. Tsjin de „beunbazerij", lyk as in echte artyst it útskelde. Om't dêr al hiel hwat wurden oer fallen wiene, forroun it petear yn it fortellen fan bilibbe grappen en úthelle fiten op plankelân.

Sadwaende makken wy it moaiste fan de gearkomste dochs noch mei.

En it waerd let. Wy dreauwen elkoar al ris om fuort. Nei safolle koarte nachten, moasten wy ommers sa nedich wer ris goed útsliepe ! Ja wis, mar... It hiele selskip Quint, Tetman de Vries, Stuurop en noch inkele oaren makken harren op 't lêst mei ús ré om op to brekken en hie doe ien fan de oaren

mar net immen frege : „Wat presteer jij eigenlijk?"

Hwant doe kaem krekt oan 't ljocht hok in forskaet fan artysten wy hjir ryk binne : lietsjesjongers, akrobaten, gûchlers, toanielspilers, foardragers, bûksprekkers, poppekastfortoaners, komiken...

„Ik ben slangemens en ik werk met zwaarden en spijkerbedden."

Ynienen allegear bilangstelling by de oaren en alle eagen en earen rjochten har op it Slangemins.

In man, sa op 't each in goede fjirtiger, slank fan stal, frisse kleur, hwat griizjend hier, mar mei swarte wynbrauwen. Hy hie oant nou ta net oan de petearen diel nommen, mar rekke nou, hommels dêryn bihelle, los. Hy fortelde yn 't koart syn hiele libbensrin : as jonge fan 11 jier wie hy al mei dat „wurk" bigoun, hie 't nou al 40 jier dien en wie fêst fan doel om it oan syn tachtichste út to hâlden. Tsien bern hie er en al in mannich pakesizzers. Om fit en linich to bliuwen iet en dronk er net meat as nedich wie, mar hy naem tige syn part fan levertraen en hynstefet ! De oarloch, dy 't him dêryn bihinderde, hie net langer duorje moatten, dan helle er mei syn kunst de 80 net. Dy kunst bistie dan út it klimmen oer in ljedder fan sabels en swurden... Skerp ?... Jawis ! as in flym !

Ek lei er dan op swurden, hie in spikerbêd op 't boarst en dêr kamen dan stiennen op to lizzen, dy t fan immen út it achte publyk mei in moker stikken slein wurde mochten.....

Oft er der dan gjin pine fan hie ?

Né, yn 't minst net ! Hy konsintrearre him dan mar op syn boarst, (hy neamde him dan ek fakir !) en hy tocht dan oars mar neat as : it docht net sear. Dan fielde er it ek net. Ja, men koe him slaen, knipe, stekke en snije, as it net ûnforwachts barde, dan joech it him gjin lêst.

Mar as immen nou ris missloech ?

Ja, dat kaem inkeld foar. In boerefeint sloech in kear by de stiennen troch op it spikerbêd en doe pripten him in mannich spikers yn 't liif. It bloed roun dêr by del. Mar hy konsintrearre him dêr gau op, de pine gyng fuort, de gatten loeken ticht en in rychje flieëprippen.....

En de man fortelde mar sljochtwei de sterkste staeltsjes.

Mei de neitins dêroan rekken wy einliks nei hûs en op bêd.

En nou moat men net miene, dat ik L. B. neiprate wol, hwant it is wier-wier ! It duorre mar koart, doe wie ik wer by Joop Theunisz yn 'e keamer en och, och ! hwat fielde ik my wurch en slûch ! Mar wy koene mar net fuortkomme. Ik stie mar to harkjen en foel hast om fan 'e sliep.....

Ynienen wie 'k ek wer thús en lei op 'e flier. Ik sei : „Lit my hjir mar lizze. Ik kin net mear !"

„Klaei dy nou út !", sei 't wiif, „en gean op bêd." Nou toe dan mar.

Doe stie 'k samar wer, mar nou yn piama, by Theunisz yn 'e keamer en dy syn oare helte siet dêr mei de lytse oan 't boarst. Fuoi ! hwat skamme ik my !..... Hè, lokkich ! ik waerd wekker ! Hêju ! hêju ! Dat komt my nou noait oer, dat ik dream fan eat, dat pas bilibbe is. Mar gau op 'e oare side en net mear oan dy joun tinke.

Myn bysliep skeukte ek al hwat om. Né, net prate. Gau wer sliepe.

Dêr rin ik my op 'e dyk en haw it slangemins op 'e rêch. Soutekope, neamden wy dat altyd. O, hwat wie ik wurch ! „En rin nou sels mar, heite !"

„Né !" sei de man, „oan Wergea ta, dêr stiet myn stellaezje en myn spikerbêd."

„Dêr ôf !" rôp ik, „en oars keil ik dy hjir op 'e smoarge dyk !"

„Né !" sei er en hy kronkele syn slangeskonken om my hinne, dat ik koe him mei gjin mooglikheit kwyt wurde. „Oan Wergea ta. Fuort !"

Mar ik koe net mear en ik liet my falle. Dêr röllen wy op 'e modderige dyk om. Dan hy wer boppe en dan ik wer, stiif omelkoar hinne slingere.

„Ast' my net loslitste, lit ik dy fan in auto oerride !" drige ik. Mar hy hold my beet en sei : „Dêr fiel ik dochs neat fan !"

Dêr kaem help opdaegjen. Fan 'e oare kant kaem immen en dy makke ús los.

Mar it slangemins woe my fuort wer op 'e rêch springe.

„Wy moatte him bine !" sei ik en wy bounen him de hannen fêst yn 'e nekke.

Doe stompte er ús mei de earmtakken.

„Wy moatte him de skonken ek bine", sei ik en doe knoopten wy him in tou om 'e ankels en leine him yn 'e berm.....

Doe krige ik in hoastbuoi. Echt, hwant ik wie sûnt Oktober al forkâlden.

„Fuoi !", sei 't wiif, „hwat ha se dy wer to pakken, net ?"

„Se hiene my topakken, bern !" sei ik, „dit hoastjen is in forlossing."

„Of dreamstou ek fan jisterjoune ?" frege hja.

.....

BAREND.

Forbettering

Yn it stik oer „Foermatten" yn it foarige nûmer binne in pear flaters stean bleaun :

op side 34b hwer stiet „ûnder stalhouten", hwat wêze moat „sûnder stalhouten", en op side 35b hwer stiet „As wy de saek nou noch ris neigean, dan (de 1e kear), hwat wêze moat „As maitiids de kij yn it lân komen, waerd dat".

Fryske boeken

op kommende wei

Der is hiel hwat to wachtsjen
Sleet yn Hollânske oersettingen

Oarspronklik Frysk proazawurk is der nei de bifrijing noch mar o sa'n bytsje útkommen. As wy de berneboekjes net meirekkenje, binne it „Ein fan 'e Mars", de skets oer de fiif oarlochsdagen yn 1940 fan *Ulbe van Houten*, „Stoarm oer Fryslân", it nije boek fan *Liuwe Brolsma*, dat ús in byld jowt fan ús heitelân yn 'e rûzige twadde helte fan 'e fjirtjinde ieu en „It Heechste", in forhael oer de forsetsstriid yn Fryslân fan de jonge skriuwer *Harm Lodewyk*.

It earste boekje wie al yn 'e simmer fan 1941 ré, mar koe yn 'e oarlochsjierren net útkomme. It duorre ek nei de bifrijing noch in heal jier ear't it yn it ljocht komme koe.

As men nou wit, dat der yn '44 al gâns Fryske boeken yn hânskrift ré leine by de útjowers — en net allinne by de Fryske — dan kin men einliken mar min tofreden wêze oer dizze rispinge fan tsien moanne.

Wis, der binne moaije karbondels útkommen mei wurk fan Yke Boarnstra en Teatse Holtrop, de „Rimen en Teltsjes" fan de bruorren Halbertsma hawwe in sechste printinge bilibbe, mar wy hiene graech hwat mear oarspronklik wurk op 'e boekemerk sjoen.

Grif sil as reden wol de papierkrapte opjown wurde, mar as men it weardeleaze sensaesjespul yn 'e krantekiosken lizzen sjocht, dan kin men dat mar min sette. Hawar, der is nou ienris net mear forskynd en wy moatte mar tidigje op hwat komt.

Hwat sil 1946 ús bringe ?

Hwat sil 1946 ús bringe ?

Lit ús bigjinne mei hwat to sizzen oer it wurk fan *W. Cuperus*, dy't foaral troch syn beide dielen fan „De Gouden Tried" bikend wurden is. Lyk as men wit hat Cuperus yn dizze ienfâldige sobere boeken it libben fan boer en arbeider skildere oer it tiidrek fan likernôch 1880—1930.

Der is nou in tredde diel op kommende wei, dat de jierren fan 1930—'40 bihannelt mei de fiif oarlochsdagen ta beslút. Cuperus lit noch yn him omgean om in fjirde diel gear to stallen, dat rint oer de bisettingsjierren en it liket der dus op, dat de Fryske literatuer in soarte fan cyclus riker wurde sil, dy't foar ús en foaral foar letter slachten weardehawwe sil.

Histoarysk is it wurk fan Cuperus tige bitrouber. Hy is in earnstige, earlike skriuwer, dy't syn fantasije gjin bod jowt as it net forantwurde is.

Der is Cuperus wolris in forwyt fan makke, dat er allinne mar boeren en arbeiders biskreaun hat en dat hat foar him oanlieding west om ek ris in oare groep to tekenjen, nammentlik de lytse middenstân. Yn twa nije boeken „Nuodlike Wegen" en „De Pipegeal" hat hy bisocht de need fan de lytse nearingdwaenden yn de tiid, dy't efter ús leit, ta utering to bringen.

Wy binne tige binijd oft it Cuperus slagge is dizze minsken like skerp to tekenjen as de boeren en arbeiders út „De Gouden Tried".

Der is, tinkt ús, reden om oan to nimmen dat „De Gouden Tried" strak wol as it libbenswurk fan dizze skriuwer biskôge wurde kin. Om mar ien ding to neamen : hy sjocht de bodders fan it lân, dêr't er sels ek ien fan west hat, as kunstners en it arbeidzjen sels as in hearlikheit. Sil er it skreppen fan 'e lytse winkellju mei likefolle leafde en kleur biskriuwe kinne ?

Nije boeken fan Abe Brouwer.

Abe Brouwer, dy't mei syn „Marijke" biwiisd hat, dat er noch midden yn syn ûntjowing is, hat trije boeken yn hânskrift. Ien dêrfan wurdt op 't heden printe. It is „Tusken Dea en Libben", in forhael fan 'e illegale striid yn Fryslân, dat in wiere skiednis ta grounslach hat. Yn 'e bisettingsjierren hat er skreaun „Lager 4", in boek oer it libben fan Fryske arbeiders yn Noard-Frankryk.

It toanielstik „De nijboer fan Lycklemastate" hat him oanlieding jown ta it skriuwen fan in boek mei deselde titel. In humoristyske roman, yn 'e geast fan 'e boeken fan de bikende Hollânske skriuwer Piet Bakker, is yn tarissing en fierders stiet noch in trilogy oer it fiskerslibben to Wierum op 'e wurklist.

Oer dit lêste wurk, dêr't Brouwer al inkelde jierren de boustoffen foar byinoar swilet, kin er blykber net bêst gear komme. Wy achtsje dat oan ien kant spitich om't wy fan dit wurk hegere forwachtingen hawwe as fan de niis neamde boeken, mar oan 'e oare kant is it fansels goed, dat in skriuwer net earder út ein set mei in great ûndernimmen as dat de stof ryp is ta it forarbeidzjen.

Brouwer sil ek noch in histoarysk jongesboek skriuwe. It forhael sil him yn Hynljippen ôfspylje yn 'e tiid, dat it stedtsje yn 'e bloei wie.

Hwer bliuwt Van Houten ?

Wy hawwe yn 'e ynlieding ta ús oersjoch ek *Ulbe van Houten* neamd. It muoit ús, dat wy fan dizze skriuwer, dy't mei syn greate skets „De Sûnde fan Haitse Holwerda" biwiisd hat, dat er ta de bêste hjoeddeiske skriuwers heart, gjin inkeld great wurk oankundigje kinne. It is al wer in skoftsje lyn, dat wy him yn St. Anne to wurd west hawwe en miskien hat er sont dy tiid wol „syn libben bettere", mar wy binne bang...

It is dochs spitich, dat Van Houten, dy't sa'n kant stik Frysk skriuwt, sokke yn-Fryske figueren tekenje kin en oer sa'n mylde humor biskikt, ús sa'n bytsje jowt. Der is sa'n forlet fan goede Fryske boeken — en foaral nou't Nyckle Haisma ús ek noch ûntfallen is, is der mar sa'n lyts ploech-

je dêr't wy se fan forwachtsje kinne — dat wy de skriuwer Ulbe van Houten net misse kinne.

Liuwe Brolsma.

As „Stoarm oer Fryslân" der goed ynfalt, is *Liuwe Brolsma* fan doel ien of mear forfolgen op dizze histoaryske roman to skriuwen. It sil dan in cyclus wurde, dêr't de hiele striid fan 'e Friezen tsjin 'e Hollanners yn forarbeide is. Net in maklike opjefte, mar ien dy't de jonge Brolsma mei syn niget oan 'e skiednis fan ús folk wol noasket. Der sil fansels in drege stúdzje oan foarôf gean moatte en men moat dizze forfolgen dan ek net to gau forwachtsje.

Undertusken is de skriuwer dwaende mei in silersroman. It Fryske wetterlân, dat yn 1937 sa'n yndruk op him makke, dat it oanlieding joech ta it skriuwen fan syn earste stikje, nimt yn „Tjitte Winia" al in great plak yn en wy meije grif in aerdich boek forwachtsje, nou't Brolsma de Fryske marren blykber as eftergroun keazen hat fan dit nije forhael.

In roman fan Akkerman.

Paulus Akkerman, hwaens forhael „As de bern great wurde" in swak bigjin wie, joech mei de skets „De erven fan Freark Japiks Hindrikje" folle better wurk. Binammen it tekenjen fan de figueren en it skeppen fan sfear is him dêryn tige slagge. Yn „De Soargeleaze" kaem bûtendat noch in fine humor ta utering, dy't yn 'e Fryske literatuer noch to seldsum is.

De bou fan syn sketsen is lykwols net sterk, it binne einliks net mear as brokstikken út it libben om him hinne, sûnder spanning en intrigue.

Wy sjogge dêrom tige út nei syn earste roman „Hessel Ypma", dy't breder fan opset is en dêr't er yn bisocht hat útkomme to litten, dat men mei skyn-kristendom bidragen útkomt, in motyf dat yn 'e Fryske literatuer al moai âld is en dat men bygelyks ek by Waling Dykstra al tsjinkomt.

Tagelyk mei de twadde printinge fan „De erven fan Freark Japiks Hindrikje" sil it twadde diel forskine. Se sille dan yn ien bân ûnder de titel „It Freark Japiks Folk" útkomme.

Miskien komt der ek noch wolris in forfolch op „De Soargeleaze", hwant gâns lêzers sil it nijdwaen hoe't Jurjen him fierder troch it libben hinne slacht.

Fan *Sj. van der Schaaf* leit al in skoft ré „Abbingewâld", in doarpsskiednis dêr't de figueren op aerdige, libbene wize yn tekene wurde. De humor is yn dit forhael finer en djipper as yn „It geheim fan 'e Greate Wielen" en al barre der gjin greate dingen yn dizze skets, men sil dit boekje mei in stil geniet lêze.

Fan *Nyckle J. Haisma*, dy't yn 1943 yn in Japansk konsintraesjekamp forstoarn is, sil wierskynlik noch in bondeltsje sketsen en gedichten forskine, dy't er yn it kamp skreaun hat. Spitigernôch binne de hânskriften fan twa nije romans, dy't hast klear wiene, wei rekke. Wy hiene se allegearre sa graech as in neitins oan dizze Fryske skriuwer om utens op ús boekeplanke hawn.

Oersettingen.

It is opmerklik hoefolle Fryske boeken der yn 'e lêste jierren yn it Hollânsk oerset binne. Forskynd binne û.o. al Hollânske fortalingen fan de boeken fan Reinder Brolsma, „It Heechhôf" (Mensen tussen Wad en Wouden") „It Aldlân"(„Het Oudland"), in forfolch op it earst neamde boek, en „Groun en Minsken" („De Stroojonker"). Fan „De Sûnde fan Haitse Holwerda" sil ek in Hollânske oersetting útkomme, lyk as ek fan de trije dielen fan „De Gouden Tried" en fan de twa nijs neamde nije boeken fan Cuperus. „Birutsen Fjûr" is al fortaeld („Smeulend vuur"). „De Gouden Swipe" fan Abe Brouwer is yn in Hollânske en yn in Noarske fortaling útkommen, wylst in Ingelske oersetting yn tarissing is. „Marijke" is ek yn it Hollânsk oerset en wurdt mei koarten printe. Ek dit boek sil yn it Ingelsk fortaeld wurde. „Tusken Dea en Libben" wurdt strak yn it Hollânsk útjown (nou ris troch in Fryske útjower) en miskien binne der noch wol mear oersettingen op kommende wei.

It is fansels min to sizzen oft der sa'n greate sleet yn oersette Fryske streekromans bliuwe sil. Der is, tinkt ús wol reden om oan to nimmen, dat op 'en dûr allinne de alderbêste Fryske romans in kâns hâlde sille om fortaeld to wurden.

En dat soe net iens sa spitich wêze, wolle wy ha.

E. WYGA.

Skarrelhakke — Dochs in Fries

Yn syn oerjas, mei de hoed op,
Krekt as soed er nei 't kantoar,
Unfrij skarreljend op redens,
Sa stiet Wiberen der foar.

Jonge boeren, fikse fammen
Waeije suver him foarby,
Mar ek frijhwat âldre minsken
Binn' bitinklik gau fierwei.

Kûgels soe men fan soks wurde,
Rimpen wol er dan foarút.....
Mar stees yn 'e rêch dat knikje
Is it ivige bislút !

Oant syn gâlle alhiel dan oerrint :
Mei in greatsk „ek goeijendei !"
Skout in maet yn 't minne riden
Him mei moeite en lêst foarby.

Yn 't geklongel fan dy keardel
Sjocht er 't foarbyld, skerp mar drôf :
Foar gjin jild wol er mear fierder,
Hy bitanket, hy bynt ôf !

F. FERWERDA.



Fryske pleats

Bylage „it heitelan" nei in skilderij fan Lum van Klinken

Stikjes fan Omke Bartele

Earst de post mar efkes.

Binne der brieven kommen fan in stikmennich forieningen út de Wâlden (twa mei en trije sûnder grounslach). Skreauwen oer dy grap mei dy âld-bakker, sa't hja dat neamden. Skreauwen, allegearre, dat ik mis west hie, de iene ploech hie nea sjongen heard, de oare hâldde út, dat de man, dy't hja ôftichele hiene, wól in âld-plysje west hie, in tredde binde hie nea sjoen dat de man syn wiif by him hie ensfh. Kin hjir net op anderje, myn bakker is op in oar plak ôfseame, dan dêr't jimme út weiskriuwe. Wol en kin ek net oan jimme freonlike útnoeging om ris oer to kommen, nou't de jounen noch lang binne, foldwaen. Omke is in âld man en as hy kaem to knoffeljen, soe der him ris hwat brekke kinne.

Mei it minne waer net safolle oanrin hawn. Kaem lykwols in man út WJELSRYP by my, dy't him tige biklage oer dy fûleindige jonge hulpplysjes fan optheden, dy't kompleet in bontsjejacht hâlde en (altiten neffens dizze man) by de grienen om ôf wiene. Wie dizze man dochs lid fan de biromde dounsklup IT NACHTPITSJE, in illegael oprjuchte klup, en dy't nou de frijheit der wie, syn wjukken wider útsloech en ynsté fan yn boereskuorren, nou oeral nei doarpen tateach, om dêr mei bisibbe kluppen feesten to hâlden.

Wiene hja mei man en macht nei LICHTAERD tein, dêr't bisibbe klup wenne. Hiene hja har tige ward en ûntsettend wille hawn, mar krekt doe't hja de reis nei Zandvoort foar detreddekears diene en it wetter op 't heechst stie, glûpten der trije fan dy jonge hulpplysjes ta de doarren yn en draeiden de egen harren hast yn 'e holle, hwat hja to sjen krieagen harren hast yn 'e holle, hwat hja to sjen krielkoarren hast om, om mar by de lju to kommen. Mar wie der ien, dy't steno koe en hie dy de oaren fier de baes west en dêrom letter fan syn maten bûtendoar yn in sleat kegele.

Frege de man my as dit nou de frijheit wie, dêr't wy salang nei útsjoen hawwe, en fortelde fan de dounsklup fan ALDESKOU, dêr't hja noch jimmer lêst fan loftoanfallen hiene, sa't de ljochten út moasten en woe de man him der net oer útlitte hwat dêr dan barde, mar al hiene dy plysjes dan alle trije steno kinnen, hiene hja der noch net trochkommen.

Yn dit forbân net ûnaerdich hwat omke sels sjoen hat, doe't er okkerdeis nei stêd moast om in pear nije brilleglêzen, om't ik troch de âlde neat mear sjen koe. Wie ik op 't Saeilân, doe't dêr gânsk in kliber folk stie to wachtsjen by it gerjuchtshôf. Frege nei it hoe en hwerom en seine dy lju dat de FRYSKE EARERIE hjir foar't earst gear komme soe en alle saken yn ien kear ôfhannelje. Sette myn bril ôf en naem de minsken hwat better op en die my bliken dat dit allegearre útstjitten leden fan de selskippen wiene. En hearde ta en fornaem dat de iene wer sa jerne by de krite woe om it efternei dounsjen, in oare om't er sa'n prachtich stikje eigen wurk makke hie, wer ien om't syn faem noch lid wie. Hiene dizze minsken har ek tige Frysksinnich optoaid; de measten hiene de kop fan „Frysk en Frij" fan dat blêd ôfknipt en om de hoed binaeid, somliken oer it boarst hinne (yn dit forbân better gjin nammen to neamen). Seach ek lju mei skipperspetten mei Fr. flachjes der op. Itien mei it oar wie 't in echt Frysk en ek wol wer in Frij eachweid. Somliken, snoader noch, rounen mei Fryske boekjes yn 'e hân of ûnder 'e earm, seach „De Paedwizer", „Wibe en syn houn", „Kom by ús yn 'e rige" en „Ynbannich Forwar". Somliken noch wer snoader, rounen mei fan dy stûrtske blauboekjes ta de bûse út, seach ek nochal gauris, ja gauris, „By ús âlde tsjerken lâns" ; ien hie twa Skiednis Fryske Skriftekennisse, ûnder elke earm ien. Wie ek ien mei Libbensleare fan Fryske Nasjonalist, mar waerd fan maten warskôge en liet dat hastich ta de broek ynglide.

Hwat dat foar boek wie, wit omke net.

Makken my yndachtich op de komst fan de earerie en kamen hja yn lange rige oer it Saeilân oankrusen, efterinoar, sa as men dat yn Ingelân ek docht, elk mei in wite jûpe om, mei in bloedread ding derop. Miende earst dat dit in boltsje wie en dit alles bakkersreklame om mear boltsjeguod to iten, mar by it tichterby kommen, wie it ús âld pompeblêd, tûzenris bisongen en biraesd. Earerie (yn dit forbân, ensf.) soe by treppen op, mar die bliken dat de skriuwer der noch net wie en hearde wol, dat dy bus forsitten hie. Mar kaem efkes letter as in wyld jeijende de Pr.H.strjitte delsetten (yn dit forbân ensf.) op greate hyngst, sa't stikken modder noch omheech fleagen. (skr. tink ien fan bûten) Koe sjen dat earerie wol hwat smoar yn hie (sa't in Ljouwerter it neamde), mar wie de hyngst fan goed Frysk komôf en hie skriuwer wite jûpe ûnder it seal lein en koe nou ek meidwaen.

Hearde nou ynienen hoarnen en trommen en kaem oer it Saeilân al wer in kliber folk oansetten, (liket dit forhael wol hwat op Yntsje Jans syn nachtmerje, mar mei dit forskil, dat hy ûnder syn earms trochsjen moast en ik der oerhinne seach. Ek die it my wol tinken oan âlde prosesje, troch soan fan Brolsma biskreaun yn nij boek). Dizze kliber wie folle machtiger en die al gau bliken dat dit de Jongfryske Mienskip wie, dy't in dimmestraesje hâlde woe. (Sa't men wit is de Jongfr. Mienskip sels suver, mar dochs pûr op suvering tsjin) en teagen hja sa mei musyk in pear kear by de treppen fan it gerjuchtshôf op en del. (Yn dit forbân, ensf.) Hoe en hwat him hjir nou fierders ôfspile wit omke net, hwant it soe ek foar de sinder útstjûrd wurde en ta dat doel rieden hja in lytse lokemetyf njunken it gerjuchtshôf, dy't oatmoedich bigoun to fluitsjen om dy foreaske toan der by to

LYTSE WYBREN

(1730 — 1801)

In jiermannich lyn foun ik by it neisneupen fan âlde Ljouwerter kranten dit atfortinsje:

„Ylst den 8 Dec. 1801. Heden morgen 7 uur, Overleed alhier in den ouderdom van byna 72 Jaaren, den alom bekenden Wiebren Lolkes, in de wandeling genoemd kleine Wybren, na den tyd van ruim 29 Jaaren, met zijn beminde Huisvrouw in den Echtenstaat geleefd te hebben; wordende in zyn Leeven gehouden voor de kleinste Man in geheel Europa, zynde zyn lengte 2 voet 2 duim Rhynlandsche Maat".

Koartlyn foun ik yn „Forjit My Net" fan 1907 in libbenssketske oer him fan J. Skaefsma. Dêr stean in pear flaterkes yn. Wybren soe yn 1725 to Easthim berne en 8 Okt. 1801 to Drylst rêst wêze. Dat komt neffens it atfortinsje en hwat wy der fierder op neisneupt ha, net earlik út.

Skaefsma forhellet, dat er Wybren syn libbensrin foun yn in âld skriuwboek fan in goekunde en dat der yn dat skriuwboek ek in printsje lei: Zoo hij te zien was in de Blauwe Jan te Amsterdam in 1751.

Nou founen wy yn it lidmateboek fan Easthim op 1730 in Lolke Aukes en Sybrig Wijbrens en op 1734 kommen fan Heech in Lolke Hylkes en Luitske Wijbrens.

Beide koene dus syn âlders wêze en dan soe de jonge neamd wêze nei de mem har heit.

Yn it Easthimmer doopboek komt om dy tiid lykwols gjin Wybren foar, mar wol yn dat fan Heech, dêr't op 8 April 1731 Lolke Hylkes in soan dope lit mei namme W i b e r e n. Syn âlders wiene der 20 Febr. 1729 mei attestaesje fan Easthim kommen en geane yn 1734 wer mei att. nei Easthim.

3 Aug. 1727 wie syn sister Gatske to Folsgeare doopt en dy boaske 27 July 1754 oan Jacob Sjoerds to Easthim.

Syn broer Hylke, doopt 7 Aug. 1735 to Easthim, boaske 15 Juny 1766 oan Tjitske Jouwes en 22 Aug. 1773 oan Jetske Yemes fan Heech.

Lytse Wybren hie likernôch de lingte fan in Dimterkoeke. It boppe-ein like der oars noch hwat op, mar ûnderdanen hie er suver hast net, it gat slurke omtrint oer de groun.

Wybren syn heit-en-har wiene boer. Yn 1738 op nû. 24 en 25 fan it Floreen Kohier fan Easthim biboerken hja 2 pleatsen, ien fan 44 en ien fan 25 pmt. great. Op 1728 waerden dy biboerke fan Wybren Lolkes.

Lytse Wybren wie wol sa krigel, dat er foar him sels de kost fortsjinje woe. Om't er in glêdde tonge hie en him datoangeande moai aerdich rêdde koe, kaem er op it idé him bisjen to litten. En dat lei him gjin wynaeijen, sa'n stek-yn-'e-bûs woe elk wol ris sjen. Fan gefolgen krige er in aerdich slompke jild en dat sil it him ek wol mei dien ha, dat in boerefaem as Yetske Sikkes, in lang meager frommes mei in lilke troanje, mei him yn 'e lange hier woe. Mei koarten smieten hja de lapen gear en op Snein 30 Maeije 1773 foelen de geboadens to Easthim fan 'e stoel. Mar doe't it hast 20 Juny wie, bigoun dûmny it spul in gat yn 'e kop to sjen. Soe er mei it lêzen fan it formulier oan de wurden takomme: Jow inoar de rjuchter hân, dan mocht Yetske wol yn 'e hoksen sakje. En hwa minske, soe dan net yn laitsjen útboarste? Dat dûmny wie fan bitinken, der moast earst hwat op útfoun wurde om dat foar to kommen.

Doe kaem ien fan de hekjemannen op in snoade ynfal; neffens him moast der in tafel foar de preekstoel set wurde en dêr de lytse brêgeman boppe op. Dat like allegear skoan ta en sa waerd Wybren nei de preek op 'e tafel set. Mocht der noch al ris immen glimkje, alles roun boppe forwachting bêst ôf.

Hja setten har to Drylst nei wenjen. Kamen der fan utens yn Drylst to útfanhûzjen, dan gie der al ridlik gau in boadskipke nei Wybren. Meast liet er net lang op him wachtsje en sette er de stap der yn. Nei't er de minsken dei winske hie, wie er ornaris sa frij mar en nim in lange turf út it fet, dêr't er op sitten gie en dan koe it petear oangean. De piip yn 'e brân, en waerd der dan noch in slokje fan jown, dan wie er hielendal op dré.

Hy koe wakker fortelle fan hwat er sa hjir en dêr bilibbe hie. Dat er in petear hawn hie mei de boargemaster fan Haerlim. Hoe't to Ljouwert net minder as trettsjin froedslju tagelyk kommen wiene om him to bisjen. Hoe't er him in kear fan de Dokkumer turfsjouwers om 'e nocht bisjen litten hie, ensfh.

Op swier waer hie er it net bigrepen. Op in nacht skoude der ris in tongerbui oer Drylst. Wearljocht en tonger tagelyk, dat it wie tichteby. De lytse bûkeman krûpt hielendal ûnder de tekkens efter syn skraeitsich sydsilver. Mar dy is ek lyk as de

---

krijen. En galme my dat sa troch myn âld-holle, dat bin mar ôfset.

Seach noch, dat nije boargemaster kopskodzjeud foar de glêzen fan syn kantoar stie. Mar wie dy man ek wol sa wiis, dit net op to kearen, hwant wit hy ek wol, dat men de Friezen yn sokke lytse dingen harren sin jaen moat, de greate dêr't it op oan komt, litte harren ûnforskillich.

De kastokoarten by de Fr. Akademy dêr 't omke oer skriuwe soe, wiene forsinnings, sa 't it bistjûr skreau, alles nou oansuvere, moast mar ris oerkomme, sokke dingen better net yn 'e krante.

Okee, sa't myn omkesizzers dan sizze.

measte froulju de bange kant neist en wurdt ek wei ûnder de wrine. Honear de bui oerdreaun is, krûpt lytse Wybren ûnder de tekkens wei en knoffelt oer de bedsplanke. Hy makket ljocht en dan docht it bliken dat de tonger troch de skoarstien yn 'e keamer west hat. In panne is fan de richel fallen en leit yn diggels oer de flier, oars is der gjin skea dat makket. Mar 't hie der om spand!

By 't âlderwurden siet er it measte yn noed, dat er nei syn forstjerren wol ris op 'e snijtafel komme kinne soe en dêr hie er gjin smucht op. Fan de minsken waerd him soks ek noch al ris oanpraten, mar dy krigen ta biskie: By myn libben ha ik my genôch bisjen litten, nei myn dea hoecht soks net mear.

Nei syn dea kaem er yn in leaden kistke ûnder de blauwe sarken yn de Drylster tsjerke.

In foech healjier letter gie it praet, dat it lyk fan it lytse mantsje stellen wie. De Drylsters, bang fan spoekjen, woene it krekte der fan witte. It grêf wurdt iepen makke, mar alles is yn oarder.

23 Febr. 1803 kaem syn wiif Ytske Zikkes to rêsten. Op 15 Maeije jowt Jacob Sjoerds op 'e Sikterije it bisit oan. By keapakte fan 1 Juny 1803 wurdt it hûs, dat hja biwenne ha, forkoft: belast voor een Huyssteede. Onderhoudt, aen de Enstersbrug··· koft fan de erven Jacob Sjoerds, Eelke en Thys Yntes en Hylke Lolkes foar f 325.25.

20 July wurdt der dan ynvintaris makke. Bûten it forkofte hûs is der noch in hûs forhierd foar f 38,— en taksearre op f 380,—. De ynboel is forkoft foar f 300,— Goud en silver taksearre op f 190,—, oan rê jild is der f 260,—.

Hylke syn soannen Yeme en Wybren nimme de fan oan fan Piekstra, by Yeme letter ek wol Piksma skreaun. (Nei de Pike-mar?)

Yeme wie skipper en Wybren houtflotter, beide wenjend to Drylst.

R. S. ROARDA.

N e i s k r i f t. Hiel tafallich founen wy hjoed tusken ús kranteknipsels it nelkommende, dat sûnder mis op Lytse Wybren slacht, yn it Nieuwsblad v. h. Noorden 31 Maeije 1934: „Op de Meikermis in 1772 te Groningen was een Friesche boer te zien waarvan wij lazen: „Hij is 34 duim groot en 42 jaar oud, gelogeerd aan de Groote Markt in de Pauw, te zien voor twee stuyver yder persoon, en de heeren en daames betalen naar generesiteit". R. S. R.

DYKSHUSKE BY HYNLJIPPEN

For „It Heitelân" tekene fan IDS WIERSMA

NIJE FRYSKE FERSEN

NOCTURNE

De sé leit sliepend oan 'e dyk,
De moanne meant de mieden.
Fan fierren spilet nachtmuzyk,
En jowt in douns to rieden.

Oer 't wetter fjurket toverskyn,
En driuwt it skip der ûren,
Bitsjoend op smeulend silver yn,
Om nei de Noard to stjûren.

In marslamp slingert yn 'e mêst,
En stjerren ha de tiden set,
De koerts is trije streken West,
It Wâd spegelt in siferblêd.

SJOERD SPANNINGA.

GOD, HOE GIET IT?

In Amearikaensk soldaet oan it Italjaenske front :

Sjoch God, ik haw nea in wurd tsjin Jo sei,
mar nou woe ik dochs freegje : Hoe giet it dermei ?
It komt, hja seine, der wie gjin God
en dwaes, dy't ik bin, ik leaude dat.

Fannacht út in bomtrachter seach ik Jo loft
en doe wist ik, hja hiene my leagens forkoft.
Hie ik tiid derta naem om Jo wirk to bisjen,
'k hie al lang yn har wurden it leauwen forlern.

Ik wit net, oft Jo my in hân jaen woll',
mar forstean sill' Jo my yn elts gefal.
't Is wol nuver, dat 'k pas hwat fan Jo fornaem,
doe 't ik ta dizze helske oarden kaem.

'k Wol leauwe, 't is sûnder wurden wol goed,
mar ik bin dochs sa bliid, ik moete Jo hjoed.
My tinkt, middernacht is 't nou al gau,
mar bang bin ik net : Jo binn' net fier ou.

Hja roppe my, God, ik moat wol foart,
mar ik fiel my Jo nei, forstean Jo dat ?
Dit wurdt freselik fjochtsjen by stjerreljocht :
miskien kom ik jit by Jo thús tonacht.

Al wie ik alear net freonlik foar Jo,
't sil my nij dwaen, oft Jo oan de doar stean nou.
Is 't sa kâld, dat my 't wetter út d' eagen rint ?
God, ik woe, ik hie J' al dizze jierren kend.

Nou moat ik wier-wier foart ! Mar 't is neat :
sûnt ik Jo moete ha, bin 'k net bang foar de dead.

A. JOUSMA.

Forgelykje ek de oersetting fan dit fers mei dy fan Fedde Schurer yn De Tsjerne, nr. 1, s. 9. (Red.)

DE MAITIID KOMT!

Der wjukkelje ljippen troch de loft
en heech yn 't sinljocht stiet
in ljurk. Hy sjongt oerdwaelsk en lûd
syn joeijend brulloftsliet.

Mank 't sprutend gers stiet hjir en dêr
in blom oer 't lân forspraet,
en 't wylgebeamt, oerdutsen mei
in dounzich giel-grien klaed.

lit dert'ne sinnestrielen troch,
dy't weagje op 'e wyn.
Oer 't âlde lân rûst sêft in liet,
't hâldt in bilofte yn :

De Maeitiid komt ! 't Nij libben wankt
yn tak en twiich en blomt.
Én minsk en bist, hja fiele it :
't Is wier, de Maeitiid komt !

J. v. d. MEULEN.

OAN 'E HAVEN

Dou leist' op it foardek — yn it skaed —
Op 't hypermoderne lúkse-jacht.
Ik stie op 'e haven mei in maet,
Wy diene as rounen wy wacht.

Noch wit ik de kûltsjes yn dyn wang.
De ljochtere lok troch dyn hier.
Wy gappen dy oan — it duorre lang ! —
Dou seachst oer ús hinne — frjemd fier.

Sa farre en sile : 't Lok oan boat,
Och fanke, hoe boartest' dermei.
Gjin plak wie foar ús op jimme float ;
Jim Heit baltte : Pak jim hjirwei !

Dy twa skurve feintsjes — stiif fan klean —
Forbjusteren foar him sa gau.
Hja mochten fan him net iens dêr stean,
In oaren ien fong jimme tou.

Mar doestou foerst' ta de haven út,
Wien' wy op it ein fan de daem !
By 't reelinkje stiestou — by 't kajút.
Om ús noch nei efteren kaem.

Wy hawwe jit lang op 't eintsje stien,
Jim neieage op jimme skip.
Doe binne wy wer nei 't doarp tagien,
Op sé dreau jim boat as in stip.

Hast' letter wol ea wer oan ús tocht ?
Och, 'k meitsje dy gjin forwyt.
Dy like it libben licht en ljocht :
Mar ik rekke 't byld net wer kwyt.

A. DEELSTRA.

SNEINTOJOUN

It jongfolk kloftet troch de buorren,
feinten roppe fammen efternei ;
har skelle laits keatst tsjin de muorren
en skuort de frede tan de dei.
Murk en Teatske, yn de skimer
sitte om de kachel gear.
Murk, hwat slûch, heal yn 'e mimer :
Teatske, eagjend nei in pear,
stjit sêft tsjin Murke skonken
dy't op de tafel lizze,
— hwat kreakje d'âlde bonken —
hy gappet : woest hwat sizze ?
Sjoch, seit Teats, dêr gean hja hinne.
Hwa ? — Dy widdou-man mei Tryn !
Murk, wearstribbich, lit se rinne
en triuwt in turf de kachel yn.
Syn wiif is net sa gau foldien ;
lit se rinne, ropt hja skel,
is 't net in skande mei sa'n ien ?
'k Woe Atze-Saep ek wizer sjen,
sa'n man fan tritich jier.....
it fanke is ommers jit in bern,
hat krekt de sturtsjes út it hier.
Dy lapke-keapman doocht ta neat
as kwänselje op 'e merke,
en keatse, mei de knibbels bleat,
men sjucht him nea yn tsjerke ;
sa'n heiden sil, hâld ik der foar,
wol nea de Skrift ris lêze,
gjin wûnder dat syn wiif forstoar,
hwa kin by sa'n ien wêze ?
.....It jongfolk kloftet toch de buorren,
feinten roppe fammen efternei ;
har skelle laits keatst tsjin de muorren
en skuort de frede fan de dei.....
Teatske stekt de lampe op,
fan syn swijen spitich ;
Murk slacht d' âlde bibel op,
Lukas seis, fers saun en tritich.

GEART.

FLONKERJEND SINNELJOCHT

Nea seach 'k it sinljocht moaijer ûndergean
Den thús, yn 't âldershûs, Mei nocht
Koe 'k skoften, mymrjend soms, foar 't finsterstean,
Oanskôgjend 't wûndre, gloedfol ljocht,
Dat, — brekkend troch it donkre, sombre grau
Fan wolkens, — goud en purper kleurd,
Wer moaijer flonkrjend kaem tsjin 't ljochte blau
Fan foarjiershimel ; net forsteurd
Fan Maertske buijen, dy't feninich kâld,
Omstoarmen 't sêfte, moaije byld
Dat hope yn minske eagen libben hâldt
Op tiden, ivich goed en myld.

Y. v. MERODE—KOOPAL.

DÊ SEINEFISKERS

Hoe swypket de line, hoe spanne de lea :
De fiskerslju lûke de seine !
Hja hingje yn de beage op libben en dea,
Al liket it dat hja net eine.

Hoe sûget de sompe, hoe dridzet it lân :
De fiskerslju lûke de seine !
De line om 'e mul, de stôk yn 'e hân,
En inkeld in pear wurden heine.

Sa stean — as fan skiërs — de banen yn't fean :
De fiskerslju lûke de seine !
Al stjonke nei stedske bigripen har klean,
Hja lûke, en litte it reine.

Sa stampe de fuotten de mjitte op 'e groun :
De fiskerslju lûke de seine !
Hwant strak falt de line en ha hja it woun :
De mar jowt syn bút : de forsleine.

En hyltyd opnij hingje hja yn it tou,
It bloedige wurk wol net eine.
En gong't net om't brea foar hwat bern en in frou,
Mûlk loeken hja nea wer de seine !

A. DEELSTRA.

IT FANKE OP 'E BÛTHUSBANK

It fanke op 'e bûthúsbank
Skylt ierpels — glêdde en roune.
Har tinzen dounsje as michjes mank
De waermte fan 'e joune.

En teist'rje hyltyd wer om him,
As flinters yn 'e sinne.
It makket bliid — in fine glim
Lûkt oer har oantlit hinne.

Hja skylt en draeit en draeit en skylt.
It protsje wurdt hurd minder.
— Sa haw ik gau de ein bisyld —
En hoeden skylt hja tinder.

En langet sa dy moaije dream,
Fan doe en nou en letter.
Dân — spat de lêste fan it team
Yn 't rimpeljende wetter.

A. DEELSTRA.

Trochbraek

De foarste wurkdei fan it Nije Jier hat jit amper de eagen iepen as der wurdt skille. Twa man steane foar de doar, de iene mei in opskriuwboek yn 'e hân. Hwat hja foar hawwe? It andert lit net lang op him wachtsje; hja komme om it hûs to bisjen mei it each op de repatriëaring út Ynje.

Ja, dit wie to wachtsjen, of leaver sa fielde it jin oan, hong jin al in skoftsje boppe de holle. Hawar, hwat moat, dat moat! De mannen dogge, hwat har oplein is, geane wen- en sliepromte nei en it hûs sil jit in pear minsken bergje kinne en as it sa fier is bergje moatte. Sa leit it der ta. Extra gas en ljocht, extra branje wurde tasein, fan datoangeande hoege der gjin swierrichheden to bistean en dochs — frjemde útfanhûzers, hwa wit foar hoe lang, dêr hawwe jo nei it lêste oarlochsjier, doe't de hûshâlding mei safolle ynkomlingen fan bûten-út draeije moast, net it measte sin oan. Mei de oaren is it goed biteard, dêr net fan, mar dochs men wol sa stadichoan graech wer jins eigen libben libje en as dit trochgiet sil dat net tafalle. Men wit bare skoan, dy minsken binne der min oan ta en se moatte plak hawwe, mar — né, der nei útsjen docht men net.

Dat tinken bliuwt jin de dagen dêroan by: needsaken, dêr't men jin nei skikke sil, mar dêr is it ek mei sein. Men wit, dat it net de goede en minskelike hâlding is om sa foar dizze plicht oer to stean, mar kin der dochs net boppe út komme.

Dan falt it sa, it paed fiert op in dei by in tydskrifteútstalling lâns. Ut de printen springt ien nei foaren, lju út Ynje wei, dy't oan board geane fan in skip, dat har nei it feilige heitelân werom bringe sil, in mem, har famke by de hân, in jonkje der efter. It is mar sa simpel en folle forskil mei oare printsjes fan reizgjende minsken is der net. Allinnich, men wit, hwat hjir efter stiket, in lân dêr't hja in stik fan har libben jown hawwe en dat har nou útbant; dêr't hja neaken en bleat weitsjen moatte in ûnwisse takomst tomjitte. En dan is it, oft der hwat yn de taskôger brekt, trochbrekt. It wâllet omheech, it fielen, hwat it sizze wol sa fordreaun to wurden en spielt mei ien weach de daem fan eigenbilang wei. Moasten jo der sels sa ris foar stean! Alles kwyt, gjin plak om de holle del to lizzen, ôfhingje fan de goedgunstigens fan in oar. En in tsjustere takomst, jit helte tsjusterder as foar de èvakuë's út de tiid, dy't foarby gyng! Meije wy dan op ús rykdom sitten gean, dy allinne foar ús sels hâlde wolle, de rykdom fan in feilich hûs, in keamer, in bêd, in thús?

De wil om mei to dielen en mei to libjen, om't it hert der jin ta driuwt, net om't it oplein wurdt, dy trochbraek hat it ienfâldige printsje biwurke.

MAITIID

Dan bigryp ik ynienen ek hwat djipper de bitsjutting, dy't it wurd trochbraek, sûnt de bifrijing sa gauris yn ús kranten brûkt yn forbân mei de politike partijen, hat, of moat ik mûlk sizze: hawwe kin? Sa'n nij bigryp moat earst altiten hwat yn jin bisakje, foar't it rjocht ynhâld kriget, en it wurd trochbraek dochs: yn Fryslân mei syn striid tsjin it wetter, dêr't alles dien wurdt om sa'n ûnk krekt foar to kommen, hat it net in al to gunstige bitsjutting. En yn de oarloch? Striid, ôfwar, in felle kampslach fan de iene partij tsjin de oare, hingje der mei gear. En de winst oan de iene hat ommers forlies oan de oare side yn?

Nou bitsjut it wurd lykwols hwat oars.

De trochbraek, sil dy goed wêze en de bêste fortuten dwaen yn de polityk en dus ek foar de *maetskippij*, foar ús allegearre, sil syn bislach krije moatte, net fan bûten nei binnen, mar krekt oarsom, fan binnen nei bûten, omreagjend en trochstjittend de muorren yn de gong fan de jierren om it eigen partijrountsje oplutsen, dat yn de frije romte de iene de oare de hân rikke mei.

D. R.—W.

Ut de skiednis fan ús wetterlân (II)

DE WIERREN

Ien fan de moaiste forhalen út de „Rimen en Teltsjes" is wol de „Jonkerboer". Wylst hy de Dea yn 'e fierte al roppen hearde, hat Dr. Eeltsje jit ienkear syn hert útstoarte wollen, syn hert, dat sa fol wie fan leafde ta Fryslân. Dr. Eeltsje set it hiele forhael yn it forline, mar men moat him kenne om to witten, dat hy dat wol dwaen moast: Al dy brûkmen, dy't hy sa mei leafde biskriuwt, hja bistienen yn syn tiid net mear. Mar hoe graech soe hy ek by it Krystblok oansitten of mei âlde Piterom yn de Krystnacht de Krystjefte oan de kij ompart hawwe?

Mar hwat net forline wie, dat is de libbene biskriuwing fan de reis fan Jonker Hobbe mei Chrietiaan, oer it iis troch it moaiste diel fan Fryslân. Dr. Eeltsje hie sels praet mei dy kastlein út 'e „Brette poask" to Terherne, en hy hat sels niget hawn oan dy syn úthingboerd: „Als ik het wel heb onthouden, is hier de hoek van Zevenwouden".

Op 'e „Greate Wierren", ûnder Tersoal, fynt de Jonkerboer syn lok; mar dat Dr. Eeltsje dêr ea west hat, leau ik net. Hy lit de kastlein ommers sizze, dat de Wierren oan de Brekken lizze, en dat is net it gefal. Ik hâld it foar it neist ek hjirop, dat Dr. Eeltsje op in reis oer it iis fan de Snitser Mar de Wierren midden yn de winterske fjilden lizzen sjoen hat en dat it gehiel ta syn forbylding spriek. Yn Terherne sil hy doe nei de namme fan dy buorren frege hawwe.

En doe't hy folle jierren letter socht nei in toaniel, hwer't hy it âlde Fryske boerelibben it bêste ôfspylje litte koe, sil ynienen dat winterske byld foar syn eagen kommen wêze.

De Wierren, dat binne twa lytse buorrens tusken Tersoal en de Snitser Mar; men ûnderskiedt de *Lytse-* en *Greate-Wierren*.

By dy nammen moat men tinke oan in wier of terpke, en yndied skine beide buorrens op in lytse hichte lein to hawwen.

De Greate Wierren bistienen âldtiids út twa pleatsen, dy't deun tsjin inoar, mei de foarein nei inoar takeard leinen. Dat wie tsjin de nachtbidlers, hwant men wie dêr op 'e romte op jinsels oanwiisd.

Letter is ien fan de pleatsen ôfbrutsen en op in oar sté wer opboud; it hûsstê waerd doe ôfgroeven. De oare pleats stiet jit op itselde plak as syn foargongers. Op beide pleatsen hat nou sûnt it bigjin fan dizze ieu it laech fan de Kiestra's tahâlden.

De Lytse Wierren bistean nou út twa koumelkerijen; mar earst hat dêr in pleats stien; it âlde hûsté is djip útgroeven, dat men mei wol oannimme, dat dy pleats op in terp stien hat, alteast op in hichte.

Mar dat binne de iennige wierkes dêr net; oan de Mûntsje-feart, fuort yn 'e buert, leit jit in wierke, en ek ien mear nei 't Easten, Súd fan de Lytse Wierren. Dy bisteane beide út knipgroun, sa't wy dat ek seagen by de hichte fan it Ald-Tsjerkhôf oan de Snitser Mar. Nei alle gedachten binne hja allegear út de selde tiid: de lettere Midsieuwen.

Sawol de Lytse- en Greate Wierren, as de beide wierkes yn it sompige lân dêr efter, lizze oan in farwetter, wylst de hichte en greatte net to forgelykjen is mei de reuzen fan Hegebeintum of Ezinge. De hichte fan de niisneamde wierkes ûntrint dy fan it Ald-Tsjerkhôf net folle, binammen as men der rekken mei hâldt dat hja troch it fé yntrape binne. Hja stekke amper in meter boppe it fjild út: it grounflak is roun, mei in trochsnê fan omtrint 20 meter. It kin ek best wêze, dat hja nea biwenne west hawwe, mar allinnich in flechtoarde foar it fé wienen, as yn in wiete rite yn 'e neisimmer de wyn ynienen foroare en it lege lân splis kaem to stean.

Tsjin it sêwetter kinne hja net ornearre wêze: de grins fan klaei en fean rint krekt by de Wierren lâns, oan de Súdkant fynt men gjin knip mear ûnder de seadde.

Giet men de mieden tusken de Snitser Mar en de doarpen fan de Lege Geaën ris troch, dan sjocht men dat de stikken lân troch rjochte groevenesleatten ôfskaet binne, wylst hjir en dêr de fearten oergeane yn brede wetters, dy't de natuer foarme hat. Dat lit ús ôffreegje, hwanneat de minske it lân hjirre yn kultuer brocht hat, en op hokker wize. Nou lizze de Tsjerke-buorren fan alle Lege-Geaster doarpen binnen de klaeigrins, wylst alteast *Offingawier*, *Sybrandabuorren* en *Poppingawier* op in terp lizze. Ut de Sybrandabuorster terp binne diggels foar 't ljocht kommen, út it bigjin fan ús jiertelling.

Tusken Sybrandabuorren en Tersoal kaem by it lân-ôfgraven omtrint in meter ûnder de klaei in delsetting foar 't ljocht, dy't de sé ta in offer fallen wie. De fynsten bistienen út terp-ierdewurk út de earste trije ieuwen fan ús jiertelling: de minsken wennen op „toel", dat is fean, mei slib formongen.

Men moat wol oannimme, dat de lannen, Noard fan dizze doarpen it earst yn kultuer brocht binne, en dat men de lege mieden mar lizze litten hat sa't hja wienen: wiet en sompich, mei mear reid as gers. Earst it oanlizzen fan binnendiken koe dêryn foroaring bringe, al sil men dêrfoar ek al ris in feart foar bettere ôfwettering groeven hawwe.

Foar de Lege-Geaster doarpen moast de Griene Dyk de forbettering bringe; it is lykwols slim to sizzen, hwannear't dy ta stân kommen is. Yn elts gefal net foar 1300. Dit hinget gear mei it droechfallen fan de Middelsé.

Yn it lêst fan de 13de ieu waerd de Middelsè ôfdamme mei de daem lâns de Dille. Dat tichtslykjen hie lykwols ek syn neidielen, hwant nou moasten de lânnen oan wearsiden fan de eardere sé nei it Suden ôfwetterje, en as it binnenwetter heech stie, koe dat net, ja koe it barre, dat by Súd-Weste-wyn it wetter de oare kant útkaem.

Om dat tsjin to kearen, waerd de Spearster dyk lein. Men 'kin fan tinken hawwe, dat de Lege-Geasters dêr gjin foardiel fan hienen, en it gefolch hat west, dat hja ek oan 't dykjen slaggen, mei as útkomst de Griene Dyk. Omdat hjir earst in great wetterskip foar foarme wurde moast (ek Raerd en Jirnsum hienen lân binnen dy dyk lizzen), sil de dyk wol net earder ta stân kommen wêze as jierren nei de Spearster dyk. Dat dy âlder is, blykt wol hjirút, dat de Griene Dyk in eintsje foar Snits op de Spearster Dyk útkomt, sa as de Spearster Dyk by Nijekleaster op 'e Middelsè-dyk oanslút.

Doe't men sa de wetterstân better yn 'e hân hie, koenen ek mear minsken in bistean fine op 'e mieden; greppels waerden groeven, sleatten en molen brochten it wetter op 'e boezemfearten. En lâns de fearten kamen de nije pleatsen. *Goaijengeamieden* sil doe ûntstien wêze, yn it lêst fan de Midsieuwen dus.

Om wer op 'e Wierren werom to kommen, wy moatte it andert skuldich bliuwe op de fraech, oft it bigjin hjir ek leit yn in wierke, oanlein troch de Tersoalsters foar it fé, dat hja dêr simmerdeis weidzje lieten. Om dat útmeitsje to kinnen, soe men earst fynsten hawwe moatte, sawol fan de Wierren, as fan Tersoal sels.

It is sûnder mear net út to meitsjen, of de tsjerkebuorren fan Tersoal op in terp lizze. Unmûglik is it net, hwant it tilt dêr op fan lytse terpkes, dy't oars al ôfgroeven binne.

Tersoal fynt men net faek yn de âldste stikken; dêrfoar wie it ek to lyts. It earst yn 1335: „Zole" hjit it dan yn in rekkening, biwarre yn Utert. Us wurde hjiryn de kosten meidield, makke troch de bisskop of syn offisiael by it wijen fan in nij altaer. Doe sil de tsjerke alteast wol bistien hawwe. Dêr kin ek de namme fan de Patroan op wize: St. Vitus, dy't men yn Fryslân mar inkeld fynt, en dan by de âldste parochy's.

Sa wie de tsjerke fan Alde-Hove to Ljouwert oan St. Vitus wijd, ien fan Fryslâns âldste tsjerken, it eigendom fan it kleaster Corbey. Fan Ljouwert út sille de parochy's Stiens en Feinsum stifte wêze; dat is alteast in reedlike forklearring foar it feit dat it de iennige Fryske doarpen binne, dy't ek St. Vitus as Patroan fiere, útsein Tersoal.

Yn 1401 hearre wy wer fan de „parochiani Solis". Yn 1467 komt ús tomjitte „Her Gaytia persena ter Soele". Yn 1486: „Eke toe Soel, Dow Takama kinderen ter Soel."

Folle foroaringen hat de namme dus net trochmakke. Op himsels is de bitsjutting wol klear, allinnich is it op 't each net oannimmelik, dat mei dat „soal" de Aldfeart, eartiids „Gaw" neamd, bidoeld wêze kin, al jowt men daliks ta dat de Aldfeart in oerbliuwsel is fan de tiid, doe't de sé hjir it biwâld jit hie. Mar dat biswier forfalt, as men yn it fjild sjoen hat, dat de Aldfeart yn in brede lichte leit, dy't oan Tersoal tarikt.

Wy sille hjir net djipper op yngean, hwant wy moatte net wer by de terpetiid bidarje. Oare kear de Eastkant fan de Snitser Mar. H. H.

FORHAELEN SKETS

DE TUMSTOK

„Sjoch dy ljip ris rinnen, dêr lizze grif aeijen; sille w' efkes oer de sleat springe?" Ik sjoch nei de sinne, dy 't bisiket troch de dize to brekken en siz: „Né, wy moatte trochrinne, 't is aenst seis ûre. Boppedat, de aeijen sille wol fûl wêze."

„Bist' net wiis", seit Jan, „om dizze tiid fan 't jier. Der lizze heechstens twa yn; ik haw hwat setters yn de bûse". Mar hy pandert dochs troch en fregethokfoar ûleboerd de baes der op ha wol.

Ik lûk de skouders op, it wiif hie fanmoarn in min sin. It wurdt nou de tsiende ek, as alles goed bislacht, en achttsjin stûren deis, tsjonge, jonge, dit giet ek to mâl. En dan dy pyn-yn-'e-mûle der by! Dêr hat hja, bihalven by ús Sjoerd, gjin kear frij fan west. Hwat sitte wy lang oan dizze pleats fêst. Forline simmer de tûken al op 't hûs en nou stiet de skuorre der mar heal. Dy forhipte winter ek. Tweintich goune der skjin by yn tard. En nou aenst âlde Sjoke wer oer de flier... Hoe soene se dat ha by doomny, dy hat mar trije en de jongste is nou aenst fan skoalle. Hoe sei er dat okkersneins ek hast wer? „Kinderen zijn een zegen des·····", nou, as men 18 stûren deis fortsjinnet, bin 'k it net mei 'm iens. Hawar, wy binne al wer by it hoekje bou fan Murk Sibes. Myn hân glydt efkes lâns de broeksbokse, lâns de nije tûmstok.

„Tink om de planke, dy is glêd fanmoarn", warskôget Jan. En as ik swij: „Nou, dû bist ek praetsk fanmoarn, dat rattelt oan ien tried troch."

De sinne hat de striid woun en de damp slacht út de groun, as wy troch 't gers lâns de sleatskant wâdzje.

„Dit moat der suver al ôf", ornearret Jan, „mar Murk sil wol wer mei 't folk piele, lyk as alle jierren. Hy wrot himsels leaver dea as in dei-hier tofolle útjaen. En hja stonke fan 't jild, dy Hiemstra's. Hawar, 't rint hjir dochs better as oer dy stikken-jage reed."

Wy traepje fierder en swije. Elts hat sa syn eigen tinzen. Jan hat it ek al net maklik. Acht bern en de jongste hat in wetter-holle. En 't wiif de helte fan 'e tiid siik. En dochs sit er fol nuvere oanslaggen en hat meast oeral de gek mei. Hast alle dagen fortelt er my healwize grappen. Hwat hie er Sneon ek wer? O ja, fan dy fiskersjonge en dy skoaljuffer mei de wite hantsjes. „Hoe komme jo dochs oan sokke moaije wite hantsjes", hie de fiskersjonge frege, doe 't er twa poun ta-makke snoek brocht. „Ja, jongeheer, dat komt, dat zon noch maan er op schijnt", hie de juffer sein. „Nou juffer, ús heit rint ornaris ek net mei de bleate fuotten yn 'e sinne, en alhiel net yn 't moanneljocht, mar as er jouns de sokken útlûkt, binne se sa swart as turf."

Tjonge, jonge, hwer hellet er it wei? Sjusa, nou jitris oer in planke en dan knerpje de klompen op de kloppe-stien, nêst it foarhûs, dat hjir al sûnt forline simmer stiet as in kop sûnder romp.

„Moarn", seit Tiede, de ferver.

„Moarn!" Tiede is altyd de earste. Ik lit 'm greatsk myn moaije nije tûmstok sjen. „Tsjonge keardel, hwat in moai stik ark," beart Tiede, „hoe hast dat sa hawn?" — „Juster tastjûrd krigen út Súd-Afrika sjoch, fan myn broer".

Ja, it hat de seisde myn jierdei west.

„Soa, nou myn lokwinsken, tsjonge jonge, hwat in baes tûmstok". Greatsk klim ik de ljedder op, wylst Jan my de earste panlatten oanrikt.

Hwat is 't hjir moai, yn de iere moarn. 't Bigreatet my suver om Teats, alle dagen skreppe yn in âld wurksum hûs, en dan njoggen ûndogenske bern. Hwat in stikkene hoazzen en sokken! En nou is 't al wer sa fier. Hja is ek sa forhipte stiif. Hwerom net nei dokter en lit dy âlde kiezzen der útskuorre.

Altyd it selde forlechje. Ik kin net by de hûshâlding wei. Us Hinke is nou safier wol, dat hja de bern moarns nei skoalle helpe kin. Dy moat foar dy iene kear dan mar ris thûs bliuwe.

De baes is fanmoarn ek net ier.

Né. — It is in wûnder-moaije dei hjoed en wy binne gâns opsketten, as it wer seis ûre is. Wy romje ús ark op. De jonge boer, dy't de toalfte Maeije op de pleats komme sil, rint efkes om de skuorre. „Hoe soe 't komme mannen, kin 'k it reau meinimme, oer fjouwer wiken, hwat tinkt jimme?" „Nou", seit Jan, „jo nimme it jonge wyfke earst mar mei, dêr ha jo grif plak foar en dat is dochs haedsaek".

„Jo tinke dus net dat de skuorre safier ré is tsjin dy tiid?"

„Nou, 't spant der om".

„Ik haw der oars al op rekkene. Us heit wol ek wol romte meitsje en ús Sytse hat amper plak foar syn eigen spul. Nou, goe-joun".

„Joun Banqma". Ik hingje de brea-sek en de kofje-pûde om 'e hals en wol fuort. Hea, hwer is Jan sa gau bleaun? „Jan, hwer sitste?" „Gean dû mar fuort, ik kom dy wol efternei", klinkt it fan de oare kant fan 'e skuorre. Frjemd, hy is jouns altyd de earste. Hawar, ik kuijerje stadich nei de sleatskant, stap de planke oer en traepje nei de dyk. By de oare planke hat Jan my ynhelle. „Hwer bliuwst dochs salang?"

„Ei, neat ju'". Yn tinzen fordjippe stappe wy oer de dyk. Jan is stil, joun. In healûre letter, yn de buorren, swaeit Jan in steige yn.

„Nou oan 't moarn!"

„Oan 't moarn!"

„Heit, mei ik joun op heite-rêch sitte!" Dat is Eable. „Nou dat moat dan mar. Ien twa trije".

„Nou bin 'k noch greater as Tsjibbe Post, nou heit?"

„Ja, dû bist in baes keardel".

„Ik wol ek post wurde heit, mei sa'n greate tas fol brieven en as Jabik-om dan in brief stjûrt, krij ik 'm earst, hè heit?"

„Ja, dan krigestou 'm earst; mar hwer is Sjoerd?" — „Sjoerd is mei Hinke nei Jouke om klompen en sjerp". Sjusa, dêr binne wy by hûs.

„Mem, sjoch ris hoe great ik bin, ik kin net ûnder de doar troch!" Teats glimket, mar it giet har skealik ôf.

„Moatst' heit nou ek noch op 'e rêch klimme, heit is wurch".

„Né, nou heit?"

„Né, myn jonge, Mem wit der neat fan".

„Kom dû hjir ris, glûpert, hastû sa'n gat op 'e knibbel? Och, och, sjoch nou ris oan Geart, men kin krekt oan 'e gong bliuwe mei dy bern, alle dagen op 'e nij".

„Ja fanke, 't is in spul; hoe is 't mei dyn mûle?"

„Hjoed koe 'k it wol ha, mar aenst, tsjin 'e joun, dan bigjint it lijen wer".

„Ei nou, gean dan nei dokter".

„Ja, dy sil my nou tink helpe, nou't ik sa rin; 'k woe dy ek wizer sjen". Ik sjoch nei Eable.

„Binn' de lytsten al op bêd?"

„Ja, en Sjoerd is mei Hinke nei Jouke Swart. Dy klompen, dat bitsjut hwat. En de oaren ha 'k sûnt fjouwer ûre net wer sjoen. Joun wer thûs mei wiete fuotten en stikkene klean fansels. Krij dû Mem it leppel-bakje efkes. Sjitte jimme al op mei de skuorre? Toe ju, moatst' nou daliks al wer krantlêze? Ik freegje of jimme al opsjutte mei de skuorre?"

„Hwatte? Ja, ik tink dat wy mei fjouwer wike ré binne".

„Hast de tûmstok fan Jabik al brûkt?"

Jonge ja, en Tiede bearde der sa fan. Ik fiel lâns de bokse... de deale, dêr sit er net. Ik taest yn de broeksbûsen, né, ek net. Yn de jasbûsen... ek net. „Hwat is der, hwat sjochst binaud?"

„'k Bin myn tûmstok kwyt".

„Hwat seiste? Ei, sykje mar ris goed prefester, silst' 'm hjir of dêr wol yn 'e bûsen ha". Jitris sykje ik myn klean nei, helje alles út 'e bûsen, in stikje

tou, spikers, de tabaks-doaze, twa knopen en in stikje pompier.

„Nou ja, dû kinst dochs sa wol fiele hwer 't dat ding sit, fuort, dy smoarge boel fan 'e tafel".

Ik bin forslein. Sa'n moaije tûmstok. Nimmen hie sa'nien, ek de baes net. Wyld skuor ik jitris yn myn bûsen om. Fuort! Ik kin wol gûle op dit stuit.

„Hast 'm ek forlern?"

„Ei né, sa'n ding rûgelt jin sa mar net út 'e bûse". Ik prakkesearje, prakkesearje, mar né, ik hie 'm jit yn 'e hân, doe't Tsierd Bangma by ús stie to praten.

„Hat Jan Hiddes ek sa'n moaije tûmstok, heit?"

„Né, Eable, sokken kin men hjir net keapje".

Ynienen rint my it bloed út 'e holle. Soe Jan? Mar né, soks docht Jan net. Hy wie joun sa stil en... hwat soe er dien ha, doe't er dêr oan d' oare kant fan de skuorre wie. Yn 't skoft wie er dêr ek al in set. Hwat gemien, sokke tinzen. Dêr komt de ploech de doar yn.

„Honger Mem, is Heit der al?'

„Klompen kreas oan 'e kant sette hear en net sa'n drokte, de bern sliepe. Fei dû dyn noas ris ôf, Wibe".

Efkes letter binne Hinke en Sjoerd der ek. Hja ite gau de brochjes op en sjogge mei greate eagen nei it prakje yn de pankoekspanne. Soe der hwat oerbliuwe? It falt ta, joun. It iten smakket my net, dy forhipte tûmstok! Ik skou elts in part op it board.

„Ikke de panne heit?"

„Né, Sjoerd hat 'm juster hawn!"

„Nou, dan is Hinke oan bar". Wibe bigjint to skriemen en hellet syn heal-fearntsje omheech.

„Hast gjin bûsdoek, jonge?"

„Hinke hat de panne fan 'e wike al hawn", snokt er.

„Hjir, nim dû 'm dan mar", seit dy snibbich.

„Né, Hinke bliuwt Hinke. Wibe kriget 'm moarnjoun".

Mei de brijpanne krije wy 't selde trammelant. Teats prottelt hwat, mar as hja in heal-ûre letter „nacht heit, nacht mem" sizze, kriget elts in dikke tút. Hja is sa mâl mei de bern.

Moarn is 't Sneon. Moarnjoun krije de bern in muntsje, dat is al alve jier sa gien. Doe wie ús Hinke krap-oan in jier. Hwat fljucht de tiid. En dochs liket it ek wer ieuwen lyn. Hwat wie Teats in tsjep wiif. Altyd sjonge, altyd fleurich. Dy notaris-klerk hat hwat by Sikke-Sjouk om de doar roun, doe't hja jit yn 'e hûs wie. Hy mei my der nou noch net om lije.

„Hwer stinst' sa oer, dy tûmstok sil wol wer to plak komme, siz ris hwat". Ik sjoch sa forheard, dat hja laket.

„Mâlle jonge, kom, dû silst in pantsje thé fan my ha".

Jouns op bêd smyt ik my fan d' iene side op d' oare. Soe Jan dochs... De oare moarns is Jan al fuort, as ik him rop. Hea, dat bin 'k net fan him wend. Heal forwûndere, heal toloarsteld kin ik fierder. Ik mei Jan graech, it is sa'n goede keardel, sa'n smoute prater. Mar dit falt my ôf. As ik by de skuorre kom, sjoch ik allinne Tiede, de ferver.

„Moarn, is Jan der al?"

„Moarn. Jan? Ja, dy is oan de oare kant, dêr wie er al doe't ik kaem".

Ik rin om de skuorre. As ik de hoeke om kom, stiet Jan by de skaefbank. As er my sjocht, stoppet er gau eat ûnder de bank.

„Moarn", seit er, „bistû der al?"

Ik kin op dit stuit neat sizze. Hwat sjocht Jan my frjemd oan.

Ik brûk hjoed de âlde tûmstok wer. De sinne skynt fleurich, ljippen en skrieren beare hurd om hurd. Mar ik kin net bliid wêze. It knaget earne yn my, ik kin it hast net leauwe, en dochs...

Ik bin bliid as it hast fiif ûre is. Sneons geane wy in ûre earder nei hûs. Dêr komt de baes al oan mei de sinten.

„'t Sil der om spanne, mar folle letter wurdt it net. As wy mar hwat goed waer hâlde. Bangma hat my foar de man in ryksdaelder tasein, as wy de pannen der op hawwe, de toalfte".

Nou, wy sille ús bêst dwaen. In ryksdaelder, dat is de moeite wurdich, dêr kinne wy Sjoke, mei bitelje yn 't lêst fan d' oare moanne.

„Dû kinst wol fuort gean, ik kom hwat letter", seit Jan.

Frjemd, hy mijt my. Hwa hie soks efter Jan socht, hwa hie soks tinke kinnen. Allinne rin ik nei 't doarp. Wibe en Eable komme my foar de buorren al tomjitte.

„Né jonges, net allebeide, dat is my to mânsk. Jimme moasten mar ris om 't hurdste rinne, dan sil Heit ris sjen, hwa't it wint". Dêr stouwe hja hinne.

As de bern jouns op bêd binne, freget Teatske nei de tûmstok.

„Nou, 'k wit net, mar Jan..." En dan fortel ik har, dat Jan my mijt, middeis al yn 't skoft en joun ek wer.

„As ik it net tocht hie, as ik it net tocht hie".

„Hoe sa?"

„Nou, Antsje kaem hjir fanmoarn lâns, in fjirdepartsje brea ûnder de earm en hja seach net ien kear dizze kant út. Oars komt hja al gau efkes oan to kleijen en to krimmenearjen. Ik haw har efternei bisjoen, nea heech hawn. Myn skjirre is ek nea wer foun. Hwa wit brûkt sij him net".

Ik meitsje in lulke biweging mei de holle, dit giet my dochs to fier.

„Ja, moatst' nedich sa dwaen, aenst krij ik de skuld noch tink".

„Ei né ju, mar dû dochst krekt oft der nou neat mear doocht by Jan-en-dy".

„Toe mar, nim it nou ek noch mar foar harren op. Dû kinst oan de bern ommers wol sjen út hokfoar skaei se komme. Hwa hie lêsten ús Eable syn boster? Dy reade glûpert fan Jan en Antsje!"

„Nou, dy kin dy jonge ommers wol foun ha, bern binne bern".

„Ja, op sa'n menear kinst' alles wol goed prate, dû litst dy alles wiis meitsje, koalom".

„As 't nou mar út is!"

't Is in frjemde Sneontojoun. Wy geane brimstich op bêd. Teatske draeit my lulk de rêch ta. Mar as wy in skoftsje lizze, bigreatet it har dochs. „Nacht Geart", „Nacht Teats". En yn 't tsjuster fine wy efkes elkoars antlit.

Sneintomoarn, tsjerketiid. Teats hat al drok oan 'e skrep west. Ik haw de ierpels skyld, dat as wy aenst út tsjerke komme, kinne wy de boel sà opsette. Hinke bliuwt thús by de lytsen. Hjoed sil dokter syn earste doopt wurde en dat wol Teats net misse.

„Hwer bliuwt Jan nou wer? Oars is er altyd sa bitiid".

„Kom", seit Teats, „wy wachtsje net op Jan, hear! Ik wol neat mear mei sokken to dwaen hawwe. En Antsje moat my hjir ek net wer oer de flier komme".

As wy de doar útstappe, komme Jan en Antsje der oan mei de âldsten.

„Toe!" seit Teats, „net wachtsje".

It oargel spilet séft, as wy yn de bank sitten geane. Jan en Antsje geane mei de bern yn de bank foar ús. Jan knikt ús ta. Ik knik werom, mar Teatske knypt de lippen stiif op elkoar. Dy froulju dochs!

Nou forbeeld ik my dochs ek, dat Antsje hwat frjemd docht. En Jan sit stiif op it psalmboek to stoarjen.

Ik bin bliid as de tsjinst ôfroun is. Bûten seit Teats: „Sjoch harren dêr nou ris rinnen. Ik bigryp net hoe't sokken nei de preek doare. Har eagen draeije alle kanten út, as der ek hwat falt to snaeijen. Datstû nou altyd sokke freonen sikest. Sjoch dy bern ris, altyd sneupe en strune".

Ja, nou Teats it seit, hja dogge wol frjemd. Ik bitrou it spul nou ek net mear. Dit falt my dochs wol tige ôf. Jan is oars sa'n aerdige keardel. Mar dit doocht net, dit roait dochs nearne nei.

Moandeitomoarn. Ik rop Jan net oan, it is nou út. De sinne skynt al ier fanmoarn, de fûgels sjonge en de roken, om de âlde toer, kreauwe. De wrâld is dochs moai, hjirre. Mar bliid bin 'k net, it sintsje yn my is útdôve.

'k Woe dat 'k dy tûmstok nea krigen hie! Wy ha der justermiddei noch gâns wurden om smoarch makke. Ik kin der jitte net by. Ik sjoch tsjin dizze dei oan. 't Sil wol wenne, mar 't falt net ta om sa'n hiele dei stiif tsjin elkoar oan to sjen, wy koene altyd skoan, Jan en ik. Hawar...

As ik by de pleats oer de planke stap, komt Jan der oan draven.

Winst?

In boer dy 't yn bondels syn fersen skriuwt
Is, seit men, gjin great agrarysk ljocht.
En better wie 't, foar syn wiif en bidriuw,
Dat'r syn harp yn 'e hoannebalken brocht.

In boer dy 't yn 't drokst troch in wylgewâl sjout
Is, seit men, in dichter, in keardel fan neat,
Dat dy fint him dan net oer himsels bisaut
En syn lút hinget oan in wylgeleat!

Mar „men" forjit, dat de warberste boer
Al de helt fan it fers fan dy dichter bout;
Sa bliuwt der oan d'ein net folle oer
En liket de winst foar beide binaud.

KEES JONGSMA.

Hy wie dus al wer earder fuort, fanmoarn. En ik miende oars al, dat ik sa ier wie.

„Moatst' ris sjen Geart, 't is klear".

Hy hat hwat yn 'e hân, mar ik sjoch kwânskwiis nei 't dak.

„Nou, hwat seist der fan?"

Ik sjoch net nei him, rin him sa foarby en helje myn ark op.

„Hwat skeelt dy fanmoarn?" hear ik Jan sizzen.

„Stik!" siz ik koart. Ik nim myn spullen út de kiste en rin nei de ljedder. Brimstich skop ik yn in heapke spuonnen.

Hea, hwat is dat? It hert slacht my foar de kiel··· myn nije tûmstok. Hjir stie 'k Freed mei Bangma to praten. Nêst de bûse stutsen, fansels...

Ik flean nei Jan, gryp syn beide grouwe hannen, wol hwat sizze, mar kin gjin wurd útbringe. Hea, hwat healwiis, de triennen rinne my oer de wangen.

Jan sjocht my forheard oan.

„Is 't net goed thús, hwat dochst' nuver?"

„Né Jan, mar de tûmstok, ik ha de tûmstok wer! En nou miende ik datstû him stellen hiest, Jan, it is sa gemien fan my en..."

„O, wie dat it, ik haw al in pear dagen tocht... ei nou, it is nou ommers wer ynoarder. Sjoch, nou sil ik dy sjen litte, hwat ik foar ús Pier makke haw, dy syn jierdei is it hjoed. Hwat seist' der fan?"

Jan lit my in moai eigen-makke hynderke sjen, kunstich útsnien.

Foar Pier, it jonkje mei de wetterholle. Ynienen sjut my in brok yn 'e kiel, ik flean om de hoeke fan de skuorre en snok it út...

GEART.

De wûndere simmer fan Jurrit Jongema

In forhael út de Wâlden fan SJ. VAN DER SCHAAF

5.

Oan 'e sydkant fan Galamahûs, ûnder hege bûkelbeammen, steane de stâllen. Jonker Sjûk fan Galama, Gemme heit, en jonker Hobbe, Gemme pake, hiene in keppel hynders ; der wie nimmen yn Fryslân dy't sokke moaije hynders hie as de jonkers fan Galama. In man of hwat hynstefeinten pasten der op, kjimden se, wosken se en soargen dat se har gerak krigen.

Mar dat is al wer in hiel skoft lyn. Jonker Gemme hat mar twa hynders mear en mar ien hynstefeint, dy't syn wurk wol neikomme kin. Jelmer Dykman hjit dy feint, dat wol sizze, einliken hjit er Elmer Dikeman, hwant hy is earne yn 'e steat Utah U. S. A. berne, dêr 't syn heit en mem koart nei har trouwen hinnetein binne.

Al syn broers en susters wenje noch yn Utah U.S.A., allinne Jelmer is as jongkeardel nei it Fryske heitelân weromset. Dat hie syn bisûndere reden, lyk as ek it forfarren fan syn folk nei it frjemde lân syn bisûndere reden hie.

Och, der is sûnt al wer safolle bard, de tiid giet sa hurd, dat de minsken hawwe wierliken langer wol hwat oars om der oer to praten ; mar âldere minsken hawwe it dochs noch wolris oer it gefal doe mei Hylke Dykman. It siet sa : Hylke Dykman kocht in pleatske, en doe't er it goed en wol bitelle hie, sei jonker Sjûk, dat it pleatske oan 'e fan Galama's tabihearde en liet fan 'e doarwarder bislach lizze. Dat joech frijhwat in opskuor, de bêste abbekaet kriget altiten dyjinge, dy't de measte sinten hat en hoe soe Hylke Dykman him yn djûre pleitsaken bijaen kinne ? Hylke Dykman gyng nei dominy, dat in moedich man wie, en dy hie it de Sneins dêrop yn tsjerke oer Naboth syn wyngert, dy't kening Achab stiel, en yn it fjûr fan syn preek wiisde er mei de finger op jonker Sjûk, sizzende : Deze Achab, geliefde gemeente, bevindt zich in ons midden.

Doe waerd de opskuor fansels noch helte greater, mar mei gauwens die it wol bliken, dat, as der ien baes wie yn it doarp, it jonker Sjûk wie en net dominy en noch helte minder Hylke Dykman. Dominy naem it earste it bêste birop oan en Hylke Dykman waerd heal prest, heal holpen nei de Nije Wrâld en jonker Sjûk hâldde it pleatske ; sa bleauwen de goede forhâldingen biwarre.

Nou wol it gefal, dat dêr jinsen yn 'e steat Utah U. S. A., dêr't Hylke Dykman en syn jong wyfke alhielendal tsjin har sin bidarre wiene, by de greate Sâltmar, de timpel stiet fan de folgelingen fan de profeet Joseph Smith, dy't har de hilligen fan de lêste dagen neame ; en it koe hast net misse of Hylke Dykman en syn frou, bidragen, útstjitten, ûnwennich en fol argewaesje, bigounen treast en help to sykjen by dy lju, dy't, flitige bikearders dat hja binne en maklik as it op it libben oankomt, dizze simpele sielen muoi gau ynpalme hiene.

Sa waerden de bern opbrocht yn de lear, lyk as dy't de profeet Joseph Smith op gouden tafels iepenbiere is en nou biskreaun stiet yn it boek fan Mormon.

Doe't Hylke Dykman en har hwat biwend wiene, gyng it harren net sa min ; en fan de bern waerd Jelmer of Elmer, lyk as se him dêrre neamden, de fromste ; de hillichste fan de hilligen fan de lêste dagen fan it Dykmanskaei. Sa kaem it dat, wylst de oare bern Amerikanen waerden, Jelmer weromstjûrd waerd nei it Fryske heitelân, om dêrsanne de lear fan Mormon to forkundigjen oan alle kreätueren.

En op in dei, sa'n foech tritich jier nei't syn âlden dêr sa hommels en sa nuver fandinne rekke wiene, forskynde Jelmer Dykman yn it doarp fan de jonkers fan Galama, heal Frysk, heal Ingelsk pratend en mei in moai steal dollars yn de binnenbûse fan syn rútsjes pak.

Hy hierde in keamer en hâldde op 'e Sneinen hagepreken, dêr 't yn 't earstoan genôch minsken kamen, hwant allegearre woene se him wolris praten hearre ; mar stadichoan bilune de nijsgjirrigens en waerd ek Jelmer Dykman syn portefulje tinner, en hwa wit hied er nei in skoftsje wol in oar hinnekommen socht of wied er wer ôfset nei Utah U.S.A., as jonker Gemme net fan it gefal heard hie en dêr sa'n niget oan hie, dat er sei, Jelmer Naboth koe wol yn syn tsjinst komme as cowboy. De grap wie wol aerdich, mar binammen it âldere personeel, dat jonker Sjûk noch meimakke hie, achte de saek dochs mar justjes yn oarder : hwat in aksje hiene de heiten mei mankoarren hawn, en nou sa ! Né, folle styl siet der net yn ; mar Jelmer Dykman sei daliks fan ja, en sûnt is er net allinne hillige fan de lêste dagen, mar ek hynstefeint. Hy slagge al gau oan in wiif en sa njonkenlytsen hat er dochs in lytse gemeente by mankoarren krige, en men wol hawwe, it giet by dy hilligen soms mar frjemd ta. In moaije dochter hat er ek, mar in hillige, lyk as hy. Hja tsjinnet op Galamahûs en moat tige fiks en byderhant wêze ; fan datoangeande sil de man dy't har kriget,net oan har bikocht wêze.

6.

Ja ja, men heart fan frjemde dingen yn it wâlddoarp. Jurrit Jongema harket der alteast nuver fan op. Datema hat him oan in goed kosthûs holpen ; fan iten en drinken hat er it dêr foaral net minder as thûs en de lju binne pûrbêst, man en wiif beide. Mar dochs ha hja hwat bjusterbaerliks oer har ; hja prate net mei mankoarren. Soms, as it iten rê is en de man is bûten, dan giet de frou nei de doar en seit, de oare kant útsjende : „It stiet op 'e tafel." Mar dat is ek alles.

Soks is hwat, dêr moat men oan wenne ! Fansels, as it net akkedearret, dan kin men jin better stilhâlde as mekoar útskelde. Sûnt Jurrit Jongema syn mem wei is, is der by harren thûs in hûshâldster oer 'e flier en tusken dy en syn heit is der einliken altiten hwat strideraesje ; soks jowt gjin goede geast yn 'e hûs. It minske is oars bêst yn it wurk, mar hja eamelt hwat to folle ; hâldde se har mar stil, dan waerd it in stik better. Né, dan giet swijen der mei, alhoewol, dêr moat men ek oer kinne. Jurrit Jongema wurdt lykwols al gau wiis, dat der mei syn kostlju skoan to praten is as er mar oppast, dat er har net yn itselde petear bihellet. Sa kin it wêze, dat er it mei de iene hat oer de dokter, dy't altiten sa hurd jaget yn syn auto en net yn in goede hûd hjit to sitten, en mei de oare oer in houn op 'e buorren, dy't hieltyd oanslacht yn 'e nacht, hwat net noflik is fansels.

„As dy man net better op 'e siken past as op himsels, dan is 't net bêst," seit de kostbaes, de dokter bidoelende.

„Dat bist, dêr moat dochs mar ris in klacht oer nei de boargemaster," ornearret de kostfrou, dy't it fansels oer de houn hat.

„Juster siet der in deade hin foar tusken it izerwurk fan de auto," fortelt Jurrit Jongema. „Dy hie fansels sa gau net mear út 'e wei komme kind. Der siet sahwat gjin fearke mear op." En dan bitinkt er, dat er de frou ek antwurd jaen moat. „Ja, dy houn, dat is in lêst. Dêr moat al hwat oan dien wurde." Hy hat der oars hielendal gjin lêst fan ; it byljen fan in houn is er treast yn syn soune jongkeardelsliep. Syn gedachten geane dêrtroch al gau wer werom nei de hin, dy't sa neaken en keal mei de kop nei ûnderen tsjin de auto oanplakt siet. Hy skodhollet. „It earme bist."

„It earme bist ?" seit de kostfrou forheard.

Dy blinder, dêr hat Jurrit Jongema him even forsind.

„Ik bidoelde de hin," fordúdlikt er hastich. „Ja, dy houn, dat mei dochs grif ek net. Hy hâldt de hiele buorren út 'e sliep."

De kostbaes skodhollet op syn bar.

„Soa, siet der in hin foar tsjin 'e auto oan. It is altiten like mâl. Lêsten op in nacht hat er in hart deariden en it gewoan oan 'e kant fan de dyk lizze litten. Tsjin 'e moarn waerden twa streupers der deilis om, mar nei't hja mekoarren in tige wan op 'e hûd jown hiene, ha se it mar parte. De plysje hat der letter ek noch efteroan west, mar koe it rjochte der net mear fan gewaerwurde. En hy hat op in joun let ek alris mei in auto yn 'e sleat sitten. It bisloech goed ; hy koe der út komme en is nei hûs ta roun. Mar as dy man himsels net better to wacht nimt, dan komt it forkeard."

„Wy moasten in adreske skriuwe," tinkt de kostfrou, „en dêr in soad hantekeningen ûnder sjen to krijen, dan sille der dochs wol maetregels nomd wurde, soe men sizze."

„In hart, dy deale, dat liicht der net om," beart Jurrit Jongema, „en dan mar krekt dwaen as wie men oer in slak of in kikkert hinneriden." Dan sjocht er de frou oan. „Ja, in brief mei hwat nammen der ûnder, dat wie wol hwat. Ik wol ek wol tekenje."

Sa, mei twa peteren tagelyk, hâldt Jurrit Jongema nei beide kanten frede, en de lju binne him wol tagedien, dat merkt er skoan.

It duorret net sa mâlle lang, dan hat er ek al heard hwat der einliken oan 'e hân is, dêr by syn kostlju. It sit sa : doe't syn kostfrou noch in jongfaem wie, wie hja kokenfaem op Galamahûs en in tsjep ding, dêr't in soad feinten wol smucht op hiene. Doe, by 't hjerst kaem it út, dat hja in lytsen forwachte. Hja hie yn dy snuorje hwat gedoente mei in timmerfeint en it wie jonker Sjûk, dy't bioardere, dat hja in timmersaek krigen en trouwe koene. Mei gauwens kaem der in jonge soan en sa foar 't each like it allegearre tige moai, mar stadichoan bigounen der praetsjes to gean, dat it net akkedearre en it bern hielendal net fan de timmerfeint, mar fan jonker Sjûk wie.

Fansels, sokke dingen, dêr wurdt men nea net it rjochte fan gewaer ; lykwols, de jonge krige letter folle djûrder oplieding as ea in timmerbaeske bikostigje koe, en dêrnei waerd er bineamd yn in heech amt yn den Haech. Sûnt bikroade er him net folle mear om syn bertedoarp en syn âlden, hwa 't dat dan ek mar wiene. En dat de timmerman en syn wiif nou al tritich jier net tsjin mekoar prate, dat wit eltsenien. Nou ja, tsjin itenstiid, dan seit de frou : „It stiet op 'e tafel." Mear net.

„Dy jonker Sjûk hat grif in raer man west," seit Jurrit Jongema op in kear tsjin Datema.

Datema antwurdet earst net, mar nei in skoftsje seit er :

„Kenstû de Fryske koran wol ?"

De Fryske koran, né, dêr hat Jurrit Jongema noch nea fan heard.

„Nou, dêr stiet ek yn : Doch dyn plicht en lit de lju rabje. Hwat it earste oanbilanget, dû dochst dyn bêst wol, mar dû makkest my net wiis, datstû earder ea yn in tún pield haste. En rabjen of it harkjen nei rabjen, dat bringt jin net safolle fierder yn 'e wrâld."

Letter wurdt er praetsker.

„It wie in echte lânjonker, dy jonker Sjûk," seit er, wylst hja de hannen yn 'e fiver waskje, hwant it is likernôch iterstiid. „En as de measte lânjonkers hâldde er him net altiten strang oan 'e tsien geboaden. Mar hy wenne hjir, hy hearde by it doarp en by it lân, hy hie fêstichheit. Dy jonker Gemme, dat is hielendal neat : in fan it anker slein skip, dat op alle wrâldseën omtoarket en nea in haven fine sil. In swalker sûnder doel en sûnder thûs. Nê, dan wie de âlde helte better."

Sa kin men it ek bisjen fansels.

As Jurrit Jongema yn syn kosthûs komt, seit de frou by de doar :

„It stiet op 'e tafel."

7.

Yn en om it greidhoeksdoarp dêr't Jurrit Jongema fandinne komt, steane fansels wol in stikmannich beammen, en as dy yn 'e maitiid grien wurde, is dat in hiele aerdichheit. Mar efter dy beammen, dêr leit de greide, sa fier as men sjen kin : in sé, dêr't it grien fan 'e beammen tsjin forblikt en weiwurdt. It binne iensume pylgers, dy beammen, en hja wurde net sa bot achtenearre. It gers, dat is dêrre de hearsker ; hoe tichter en hoe minder blommen der tusken, hoe better.

Dat is hjirsa al oars. Wis, der leit grienlân oan beide kanten it djipke, sa'n foech healûre geans súdlik fan de buorren ; mar it gers is sa tin en der bloeije safolle blommen tusken, dat in klaeiboer soe der him grif oer bisauwe. Om de boerepleatsen hinne is it meast boulân, dêr't ierdappels, hjouwer of rogge op boud wurde ; mar alles wurdt oerhearske fan 'e bosk, fan 'e bûkel- en de ikelbeammen en fan 'e spjirren en de dinnen. Heech rize hja op efter en oan 'e kant fan alle ekers, en as al dat beammeguod de Pinksterpronk oantsjocht, dan is der neat dat der tsjin út kin.

It makket in djippe yndruk op Jurrit Jongema, dy't oerdei op de tún mei syn swier beamte arbeidet en jouns graech noch yn de bosk omdoarmet. Faek al hat er de greiden wer grien wurden sjoen en dat is moai, dat is hearlik ; mar hjir sjocht men net allinne de maitiid kommen, men rûkt it ek en men priuwt it ; it giet jin troch lichem en siele en men fielt jins bloed fûler en krêftiger streamen En yn Jurrit Jongema komt in langstme op, dat er iet rjocht thúsbringe kin. It is him as leit der efter de deistige dingen in geheim, dat er útfine moat, dat ear't de simmerwaermte komt en de swietrook fan de maitiid forflechtige is.

Dwers troch de bosk rint in fytspaed, dat giet nei de oarden efter it djipke, de boeredoarpen mei har klokhûzen en lytse pleatskes ; heide is dêrsanne ek noch wol, mar bosk net safolle. Yn dat paed leit oer it djip in roun brechje, en as Jurrit Jongema op in Sneontomiddei, weromkommend fan in ritsje, dêr likernôch oan ta is, sjocht er, dat in frommiske der har fyts by op skout. It handicht har mar matich en as Jurrit tichterby komt, hat er gau yn 'e rekken, dat it eftertsjil net draeije wol. Hja binne sahwat tagelyk oan 'e oare kant, Jurrit Jongema moat noch hwat remme, en seit :

„Dat rydt net sa maklik, leau'k."

„It rydt hielendal net mear," seit it frommiske, en as hja Jurrit Jongema oansjocht, giet der in lytse skok troch him hinne : forjamme, hwat in tsjep fanke, hwat in okkebyld ! Hy wurdt in bytsje reade om 'e holle en is efkes yn birie, oft er ôfstappe sil. Soe hja it him net kwea-ôf nimme, him net to frij achtsje ? Mar dan slingert er dochs de skonk oer it seal hinne en springt op it paed.

„As ik jo faeks helpe kin ?"

Nou laket hja ; en hoe't hja laket ! Jurrit Jongema wurdt der suver oars fan ; der binne mear froulju as tsjerken, wurdt der sein, mar Jurrit hat aerdich mear tsjerken yn syn libben sjoen as sokke froulju.

„It keatling is der ôfroun," seit hja, „en it tsjil sit fêst, nou moat ik rinne en de fyts ek noch heal en to healle sjouwe."

„Ja, ja, just," seit Jurrit, en hy is der hast hwat yn wei, mar dat duorret mar efkes.

„Sille wy de fyts efkes op 'e kop sette ?" stelt er dan út.

„Nou, minlike graech."

Armageddon

Forwiske binn' d' âlde sêgen,
It ûnk stiet ré ta de sprong !
Hoefolle wegen en brêgen
Fiere ta de ûndergong.

Forlibbe binn' de âlde dreamen,
Hâld nou de tinzen wach !
Hwant mannichfâld binn' de streamen
Dy't gean ta de lêste slach.

Hoe jowt jit de minske him ta rêsten.
Is dêr dan nimmen hjoed
Om dy gleije grime to dwêsten
Fan 't himsels tobaernende bloed ?

God, hâld it ûnk fansiden
En fêst — De tiid ripet oan.
En ik bin sa jong jit — hoe glide
De skimers al oer de moarn.

Gjin hâld by fammen en freonen.
Mar dy lêste deis fan it Lot.
Sil dan ek my dy gleone
Gloede fortarre, God ?

Wiger Eisinga.

Hwat in faem, hearink, hwat in faem ! Dat men sokken hjir samar yn 'e bosk moetet !

Jurrit Jongema docht de jas út en strûpt de mouwen fan it boesgroentsje op. Dan set er mei in lininge swaei de frouljusfyts nêst it paed op stjûr en seal del en makket de fiter fan de keatlingkast los. Soksoarte putsjes hat er wol faker by de ein hawn: de fyts mei de koer foarop thûs wie ek wolris in mankemintsje mei en allinne by need kaem de makker der oan to pas.

„Ik roun sa al in kertier," seit it fanke. „Sakrekt ried my ek noch in fint foarby en ik tocht, dy sil my wol helpe, mar né man, hy sei sahwat fan goeije ! en seach fierder net nei my om."

Jurrit Jongema skodhollet.

„Sa'n stik ûnfatsoen," seit er ; hy hat de boerekeardel wol sjoen en der is nimmen, dy't er dit amerij sa tankber is as dy jongfeint, dy't dizze faem oan him oerlitten hat.

It keatling blykt fêstroun to wêzen om de as, en Jurrit Jongema kriget it noch net iens sa maklik los; hy moat wakker lûke en syn hannen, dy't er nei it wurk sa goed wosken hat mei griene sjippe, wurde wer sa swart as roet. Sa út en troch sjocht er fansiden de faem oan, dy't mei niget syn dwaen folget. Hy kin noch net oer dit avontûr út. Sa'n faem út tûzenen, en dat hy dat krekt treffe moat !

In minút of tsien, dan sit it keatling der wer om.

„It is hwat to rom," seit Jurrit Jongema. „Jo moatte der alris in skeakeltsje útnimme litte. Mar jo kinne wer ride."

„Lokkich ; tankjewol !" seit it fanke, en hja liket in ingel, sa't hja laket, mei har kûltsjes yn 'e wangen en wite tosken. „Binne jo Datema syn nije feint net "

„Jawis," seit Jurrit Jongema forheard, „kenne jo my dan ?"

„Nou ja, kenne, kenne ? Sa'n bytsje fan oansjende. Ik hear ek by Galamahûs. Mar by de binnentsjinst."

Ja, dat hat men ; by safolle personeel ken de iene de oare net altiten. Hja fytse togearre werom en prate oer it waer en oer oare dingen.

Dêr 't it paed op 'e hurde dyk útkomt, hâldt de faem yn.

„Jo foarop of ik foarop?" freget hja. „De minsken koene ris hwat tinke." Hja laket wer.

„Dan jo mar," seit Jurrit Jongema. „Ik ha gjin haest. Och... eh, witte jo hoe't ik hjit ? Ik hjit Jurrit. Jurrit Jongema."

„En ik hjit Eva Dykman," seit de faem.

Eva Dykman, Eva Dykman ? Hat Jurrit Jongema dy namme al net ris heard ? It kin wêze, mar hwat soe it ek ? Eva Dykman hjit hja dus. Eva Dykman. Halli, hallo ! Jurrit Jongema kin wol sjonge, as er stadich op hûs yn fytst. Sinneplakken dounsje foar him op 'e dyk en hy heart de klysters slaen. Nou bigjint it, tinkt er ; nou bigjint it. It greate avontûr...

Tonei mear.

FOAR DE BERN

De Poppewask

't Is waskdei, hwat hat Jeltsje 't drok
Mei spielen, waskjen, wriuwen.
It is moai waer, det's in gelok,
Nou kin se bûten bliuwe.

Sjoch har dêr stean, mei klompen oan.
En heech-opstrûpte mouwen :
't Guod yn 'e tobbe — sjipp' er oan,
En dan oan 't wetter sjouwen.

Nou oan it waskjen, ros mar ta !
De sjipkop mar net mije.
It guod is snústrich fan komsa
En dat mei Jel net lije.

Nou jitris spiele, wer yn 't sop,
Wer rosse, wriuwe, wringe.
Wer nei de pomp, skjin wetter d'rop —
Dan nei de line bringe.

It guod útslaen, de knipers d'ryn.....
En út is myn forteltsje.
Hwant sjoch, dêr wappert op 'e wyn
De poppewask fan Jeltsje.

A. S. B.

Hwat lytse Jan dreamde

Jan is siik. 't Is net slim — hy is hwat forkâlden. Mar hy mei net nei skoalle ta, hy moat op bêd bliuwe.

't Is syn eigen skuld, dat er siik is. Hy is juster wiet reind en doe hat er in skoft yn syn wiete krous om roun, ear 't er nei hûs ta gong. Mem wie lilk, doe't er einlings thûs kaem. Mar hwat joech it ? Hy wie al forkâlden. Hy hoaste en prústte, dat it hwat die. En nou leit er op bêd.

Mem is net lilk mear. Se docht har bêst om Jan gau wer better to meitsjen.

Mar nou is Jan lilk. Ja, 't is raer — Jan is tige lilk.

„Dou moatst ûnder de tekkens bliuwe," seit mem, „yn 'e waermte. Dan knapst gau wer op."

„Ik wol nei bûten ta, yn 'e sinne. Yn 'e sinne is 't folle waermer," seurt Jan.

„'t Hoastjen moat earst oer wêze," seit mem.

„Ik hoastje net mear, ik bin net forkâlden," seit Jan lilk. „Yn 'e simmer is men net forkâlden."

Tagelyk krijt er in bui. Hy hoastet en kochelt as in âld man.

„In bytsje forkâlden bist dochs wol," seit mem en jowt him hwat to drinken.

„Ik bin net forkâlden," hâldt Jan fol. „Yn 'e winter kin men allinne mar forkâlden wêze."

Hy sjocht mem lilk oan. Syn antlit is read en hy is tige waerm.

„Ik wol nei bûten ta, yn 'e sinne," sangert er. „Ik bin net forkâlden. Hoe kin men nou sizze, dat ik forkâlden bin. Yn 'e simmer is men noait forkâlden."

„Yn 'e simmer kin men hiel wol forkâlden wurde ; as men mar lang genôch yn 'e rein omsjout, Jan !" seit mem.

Jan bromt hwat.

„Dou moatst mar hwat sliepe," riedt mem oan. „Dan bist gau wer better."

Mem lûkt de gerdinen ticht en giet de keamer út.

't Is midden op 'e dei, mar Jan hat wol sin oan in sliepke. 't Is skimerich yn 'e keamer. Jan kin mar justjes de roaskes op it bihang ûnderskiede.

Mar hwat bart der nou ? It binne gjin roaskes mear, it binne hollen, allegearre gelikense hollen, allegearre hollen fan Jan syn master fan 'e skoalle.

De hiele keamer is fol hollen. Eltse holle hat in snor en al dy hollen dogge oars neat as laitsje. De mûle giet hwat langer hwat fierder iepen. Ooo ! — hwat laitsje dy hollen !

Nou wurde it mannen, soldaten wurde it. Hja marsearje op it skoalleplein. Ien-twa, ien-twa, op 'e maet marsearje hja op 'e skoalle ta. Hja sjogge Jan oan, hja laitsje tsjin him.

Ynienen — fuort binne de soldaten en de loft hinget fol mei sinnen, fol greate roune laitsjende sinnen mei wapperjende snorren. It waeit hurd. Under, mids de greiden, stiet it thêhûs, dêr 't Jan mei mem wol ris hinne giet. Dêr boartsje de bern op 'e wip en de skommels. Jan sjucht se wippen en skommeljen. En boppe yn de loft hingje dy greate laitsjende sinnen. Dy bigjinne to draeijen en to sputterjen, krekt as by it fjûrwirk op Keninginnedei. De fûnken spatte der ôf en fleane yn 'e rounte. Ynienen steane de sinnen stil — en dan is der noch mar ien reuzegreate sinne oer. Dy skuort de greate mûle wiid iepen.

„Hy wol my ophappe," tinkt Jan en wol útpykje. Mar de sinne seit : „Wolst hwat limonade ha, Jan ?"

Jan docht de eagen iepen — mem stiet foar syn bêd mei in glês yn 'e hân.

Jan drinkt der út ; hy hat toarst.

„Ik dreamde sa frjemd, mem !" Hy fortelt fan al dy laitsjende troanjes, dy't yn 'e loft sweven.

Mem fielt syn hannen en syn foarholle, dy't tige waerm binne.

„Dou bist grif hwat koartsich. Bisykje mar, om jitris in skoftke to sliepen".

Jan rekket wer yn 'e slom en wurdt net earder wekker as de oare moarns.

Hy is hielendal wer yn oarder en mei wer nei skoalle ta. As hy master foar de klasse stean sjocht, moat hy laitsje. Hwat in nuvere dream wie it dochs ! Mar hy sil wol oppasse en wurdt net wer siik. Mei dit moaije waer leit er leaver net op bêd.

A. S. B.

It Heitelân

Algemien Frysk Moanneblêd

forskynt om de 15e hinne fan eltse moanne

*

Alles foar de Redaksje nei
J. PIEBENGA, Grinzerstrjitwei 48, Ljouwert.

Alles foar abonneminten en adfertinsjes nei
BRANDENBURGH & CO., SNITS
Tillefoan 2574 (b.g.g.h. 2889)
Postrekken 6039

Alles oer Fryske Bibleteeksaken oan
R. BOOMGAARDT,
Ljouwterstrjitte 7, Huzum

LÊZJILD 6 GOUNE JIERS

Leden fan „De Fryske Bibleteek" krije „IT HEITELAN", mei oare wirken dy't bijrys útkomme, foar 10 goune jiers yn har abonnemint

ADFERTINSJES 10 sinten de millimeter

Foar jou FORHUZING en WENNING-YNRJOCHTING is jou adres: Wy kinne wer hûarle leverje!

Fa. JAN DE JONG, Skråns 15-17, Ljouwert, Emmastrj. 19, Snits

— Till. Ljouwert 4894 — Till. Snits 2429

Grootes'
Sûkelade
WELGOED
In âlde bikende:
Nôch net . . .
Mar stràks folop!
N.V. Cacao- en Chocoladefabriek
D. & M. GROOTES GEBR.
WESTSAEN — SUNT 1825

KOFFIE VAN NELLE THEE
DAAR IS ZORG AAN BESTEED

FIRMA L. SCHEEPSTRA
Moderne Boekbinderij
VÓÓR het binden
Sedert 1889 het adres voor het binden van studie banden, muziek banden, bijbelwerken, tijdschriften, verslagen, enz.
NÁ het binden
LEEUWARDEN Telef. 4719

Elke ADVERTENTIE een CLICHÉ
NOORD-NEDERL. CLICHÉFABRIEK
NOORDERHAVEN 63 · TEL. 23016
GRONINGEN

Schuilenga's
FRYSKE BESKUTEN TAEI, KOEKE en KOEKJES
binne troch krapte fan grounstoffen foarearst allinne oàn ús âlde klanten to leverjen
„De Bijenkorf", Surhústerfean

Grêfstienhouwerij Fa. D. ARENDS en Sn.
Foarstreek 90, Till. 5067, Ljouwert
Levering fan alle soarten grêfwurken yn hurdstien, sânstien, granyt, ensfh. Flinke foarried
Levering fan GREFKELDERS ût foarried
Spesiael adres! — Deeglik en bitroud! Minlik oanrikkemedearjende

Stiet it middeismiel op tafel
Mei de MOSTER fan VAN RIJN . . .
Dan is fan 'e gast to wachtsjen
Dat er seit: „Hwat yt ik „f i j n" !"
VAN RIJN, UTRECHT dêr't Abram al sânt jeuwen de moster heilet!

DE TIID HÂLDT GJIN SKOFT,
mar elts hâldt dochs
graech op 'e tiid
skoft for sa'n
lekker bakje
D·E
DOUWE EGBERTS KOFIE



De KOÖPERATIEVE SUVELBANK

DOCHT ALLE BANKZAKEN, EK FOR PARTIKULIERE PERSOANEN

ELEKTRISITEIT

JINS HELP YN 'E HUSHALDING

SA GAU AS DER WER GENOCH STIENKOAL BISKIKBER IS FINE JO IT

P. E. B. YN FRYSLAN

RÉ, JO DE NEDIGE ELEKTRISITEIT TO LEVERJEN

FOAR ELTS DOEL

HAEDKANTOAR:
LJOUWERT EMMAKAEI N.S. 59

DISTRIKTSKANTOAREN:
HEARRENFEAN, TERBANTSTERSKANS
SNITS, GRIENEDYK

Fa. S. Bolman & Co.

LJOUWERT

Nijestêd 160
Tillefoan 3983

Hjirmei dogge wy ús klanten to witten, dat wy wer in tige moaije kolleksje

NIJE ARTIKELS

hawwe. Derneist kinne wy wer inkelde spesiale opdrachten útfiere

Goudsmitten
Juweliers